

Jierferslach 2018





Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• Foarwurd jierferslach 2018		4
• Oantekens foarjiersgearkomste 7 maart 2018		5
• Woansdei 25 july 2018: de 14e Jong-Feintepartij		11
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- De wedstriidkommisje sjocht werom op 2018	Wedstriidkommisje	12
- Noch hieltyd op syk nei in man of frou foar de fjilden en materialen...	Ut namme fan it HB	13
- Fan 'e PR-Kommisje...	PR-Kommisje	14
- De útdaging fan de TK...	Technyske Kommisje	15
* Keatser fan it jier	Corrie Kroondijk	15
- 2018 ... in weromblik fan de jongereinkommisje	Jongereinkommisje	16
* Priiswinners kompetysjekeatsen 2018		17
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	18
* Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach		20
* Eksploitaasjerekken 2018		22
* Ferklearring kaskommisje 2018		22
* Taljochting op de eksploitaasjerekken 2018		23
- Keatskamp nûmer 5 wie in wier FEESTJE!	Keatskampkommisje	24
• Wedstriidferslaggen		26
- Ledewedstriden		26
- Wedstriden federaasje		33
- Wedstriden KNKB		34
- Bysûndere aktiviteiten		36
- Jong Fammen – PC – Ald Meiers – Freule		38
- Nederlânske kampioenskippen		38
- KNKB Klasseminten		39
• Keatsmominten út 2018		40

Kolofon

Foto omslach: Opbringst Poiesz sponseraksje

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Greet Jorritsma, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Martine Tiemersma en Froukje Dijkstra

Gearstalling bestjoer en kommisjes



HAADBESTJOER

Dirk-Yde Sjaarda
 Mattie Dijkstra
 Wilma Sjaarda
 René Rijpma
 Danny Roos
 Wiepkje Hiemstra
 Bauke Dijkstra
 Fakatuere
 Fakatuere

Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein
 Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein
 Sjaardaleane 1, 8734 GH Easterein
 't Kleaster 8, 8734 HB Easterein
 Singel 23, 8734 HP Easterein
 Eeskwert 29, 8734 HA Easterein

06-54385633
 06-48715808
 0515-851878
 06-30918435
 06-36036611
 0515-333880

Foarsitter
 Fise-Foarsitter
 Skriuwer
 Ponghâlder
 Jongerein saken
 Algemiene saken
 Technyske saken
 Fjilden en materialen
 Foarsitter PR

JONGEREÏNKOMMISJE

Danny Roos
 Annebeth de Jong
 Geertje Sijbesma
 Klaas Sixma
 Fetsje Terpstra
 Marit Kuperus
 Fakatuere

Singel 23, 8734 HP Easterein
 v. Eysingaleane 16, 8734 GC Easterein
 Hofleane 12, 8734 HK Easterein
 it Risplân 4, 8734 HT Easterein
 Hofleane 8, 8734 HN Easterein

06-36036611
 06-25133491
 06-17030584
 0515-332963
 0515-331874

Foarsitter
 Skriuwer
 Kompetysje saken
 Alg./Fasilitaire saken
 Opjefte jongerein
 Alg./Fasilitaire saken
 Kont.persoan teaml.

TECHNYSKE KOMMISSJE

Bauke Dijkstra			Foarsitter
Jan Schurer	Vrijburg 18, 8734 GK Easterein	06-46013938	TK koördinator
Robert Sijbesma	Eeskwert 29, 8734 HA Easterein	06-18319873	TK koördinator
Lysbet Schilstra	v. Eysingaleane 18, 8734 GD Easterein	06-30745420	TK koördinator
Fakatuere			TK lid manlju
Fakatuere			TK lid froulju

PR-KOMMISSJE

Martine Tiemersma	Grieneleane 11, 8734 GP Easterein	06-43511663	Skriuwer
Jetske Sieperda	Skoallestrjitte 54, 8734 GN Easterein	06-51951466	Jong-Feinte redaksje
Froukje Dijkstra	Hofsleane 31, 8734 HM Easterein	06-23402564	Foarmjouwing
Akke Jikke van Berkum	Dobbelân 4, 8734 GZ Easterein	0515-532609	Kleanbelied
Greet Jorritsma	Fabrykswei 9, 8734 HV Easterein	0515-331900	Redaksjelid

FINANSJELE- EN STIPEKOMMISSJE

Tjeerd Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	0515-331600	Foarsitter
René Rijpma	't Kleaster 8, 8734 HB Easterein	06-30918435	Kontakt HB
Tymen Dijkstra	Skrok 8, 8734 HG Easterein	0515-333030	Relaasje behear
Anco Elgersma	Roordastrjitte 6, 8771 RV Nijlân	0515-851324	Relaasje behear
Hendrik Okkema	it Risplân 2, 8734 HT Easterein	0515-332223	Relaasje behear
Hendrik Kuiper	v. Eysingaleane 27, 8734 GD Easterein	06-46066337	Relaasje behear

WEDSTRÏDKOMMISSJE

Mattie Dijkstra	Wynserdyk 10c, 8734 GG Easterein	06-48715808	Foarsitter
Anny Sjaarda	Smidslân 9, 8734 HJ Easterein	0515-331536	Skriuwer
Tjerk Politiek	De Ljurk 17, 8731 DE Wommels	06-46080290	Wedstriidsekretariaat
Romine Jelsma	Vrijburg 16, 8734 GK Easterein	06-22709673	Wedstriidsaken

FJILDEN- EN MATERIALEKOMMISSJE

Klaas Sixma	it Risplân 4, 8734 HT Easterein	0515-332963	Fjilden jongerein
Fakatuere			Foarsitter

WEBREDAKSJE

Fakatuere

KEATSKAMPKOMMISSJE

imke van der Leest	Sjaardaleane 17, 8734 GH Easterein	06-49942283	
Marije Hiemstra	Vrijburg 18, 8734 GK Easterein	06-30151578	
Sieta Tessemaker	Sjaardaleane 5, 8734 GH Easterein	06-20122296	
Marco Rijpkema	Stiffenserleane 1, 8734 HC Easterein	06-13660866	

Foarwurd jierferslach 2018

Foar jimme leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein fan it jier 2018. It hat in keatsseizoen west dêr't we wer in protte by de ein hân ha. Der binne ferskate moaie prizen wûn en der is in 'Battle' en gearwurking ûntstien mei Keatsferiening Wommels. Mei dit prachtige boekwurk hoopje wy jim wer in moai oersjoch te jaan mei alles wat der ôfrûne jier bard is yn en mei keatsend Easterein.



We wiene tige bliid dat we wer in Eastereiner partoer mei Bote Jellema, Doede Rients Okkema, Rémon Tie Bouma en coach Gerf-Jan Hiemstra, foar de tinte stean hiene op ús eigen Jong-Feintepartij. Op de 14e edysje fan dizze partij wie dat noch mar foar de 3e kear. Fierders wie der ek op de Ald-Meiers Partij in moaie 3e priis foar Corrie Kroondijk, Alien Dijkstra, Nynke Paauw en coach Eddy de Boer. Foar Corrie is it hoe dan ek in tige súksesfol jier west; 1e priis NK Wall Ball ûnder de 17, winner fan it KNKB jierklassemint by de famkes en op ús slotdei waard se troch ús leden keazen ta 'Keatser fan it jier'.

It jier 2018 giet ek de boeken yn as it jier dat we plannen makke ha om gear te wurkjen mei Keatsferiening Wommels. Doe't twa leden fan ús ferline jier de Frouljus PC wûnen (Imke van der Leest en Sjanet Wijnia) binne der leden fan ús de dei dêrnei te kompetysjekeatsen west yn Wommels, om sa ek de huldiging by te wenjen dy't dêr plakfûn. It wie de opmaat om de kontakten tusken beide ferienings oan te heljen en te ûndersykjen wat wy fierder foar elkoar betsjutte kinne. Yn 2018 hat dizze gearwurking foarm krigen yn in mienskiplike lededepartij ûnder de namme fan 'The Battle', dit jier yn Easterein, takom jier yn Wommels.

Ek sille we yn 2019 tegearre de jongereintrainings, de keats-off en de generale fan de Froulju's PC organisearje, takom jier yn resp. Easterein en Wommels, yn 2020 oarsom. Mei dizze gearwurking sjogge we in kâns om it keatsen en ús leden yn dizze regio, noch better te (be)tsjinjen en harren sa te entûsjasmeren en te behâlden foar dizze moaie sport.

Stikem sjogge we ek al efkes foarút nei it lustrum fan 2019, it jier dat wy ús 115-jierrich bestean fiere sille. It sil it jier wêze dat we foar de 15e kear de Jong-Feintepartij organisearje sille. De saneamde Federaasje dei sil ek plakfine yn Easterein mei û.o. de haadklasse manlju en froulju. Ien fan de meast yn it each springende aktiviteiten sil de opfiering fan de musical 'Kening op Sokken' wêze, dit sil plakfine yn it Himelfearts-wykein. Sûnt 2016 is der in oantal tige entûsjaste froulju (Wiepkje Hiemstra, Mattie Dijkstra, Karin en Wilma Sjaarda en letter ek Tettje de Boer) dwaande mei de tariedings.

Wy binne der tige wiis mei dat dizze froulju en al ús oare frijwilligers mei in soad entûsjasme (frije) tiid yn ús moaie feriening stekke wolle. Al dizze minsken wolle wy graach nochris tank-sizze foar harren stipe, dêr kinne wy net sûnder.

Wy binne tige grutsk dat wy jimme, mei tank oan ús PR-kommisje, wer sa'n moai neislachwurk oanbiede kinne. Ut namme fan it haadbestjoer wol ik jimme in protte lêsnocht tawinskje en wy hoopje jimme yn it kommende lustrumjier wer op de fjilden te sjen.

Dirk-Yde Sjaarda
Foarsitter Keatsferiening Easterein

Oantekens foarjersgarkomste 7 maart 2018

Oanwêzich: Dirk-Yde Sjaarda, Mattie Dijkstra, Wilma Sjaarda, Marten Faber, Wiepkje Hiemstra, René Rijma en 31 leden

Ofwêzich mei berjocht: Danny Roos, Romine Jelsma, Anny Sjaarda, Vera de Vries, Hendrik Sweering, Klaas Pompstra, Sieta Tessemaker, Judy Bergsma, Eefje Hiemstra, Martine Tiemersma, Jelle de Boer, Marco Hoekstra, Sietske Okkema, Jan Hiemstra

Wurklist

1. iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de foarjersgarkomste op 8 maart 2017
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2017
 - begutting 2018
5. Ferslach kaskommissje en beneaming nij lid
6. Presintaasje jierferslach 2017
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
 - Oftredend: Marten Faber, foarsitter technyske kommissje
 - Foardracht: Bauke Dijkstra
 - Oftredend: Wilma Sjaarda, foarsitter PR kommissje
 - Foardracht: Fakatuere
9. Stikken KNKB gearkomste op 15 maart 2018
10. Punten fan út it bestjoer, ûnder oare:
 - meidielings fanút de foarjersgarkomste Federaasje Snits
 - ûntwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize'
 - ôfskied kommissjeleden
 - fakatuere: stân fan saken
11. Wedstriidaginda 2018
12. Omfreegjen
13. Sluting

1. Iepening

- Dirk-Yde iepenet om 20.10 oere de gearkomste: "Wolkom allegearre, hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús lede-gearkomste binne. in spesjaal wolkom foar ús eareleden: Tjeerd Dijkstra en Hans Kooistra. Ek in spesjaal wolkom foar Boudewijn Kramer en Hille Meijer fan de Skoalleseize én ús haadstiper Tom en Greet Couperus."

Nei dizze wurden neamt Dirk-Yde de ôfmeldings op en ferfolget syn foarwurd: "Dizze foarjersgarkomste is altyd sa'n momint dat de measten fan ús wer út de wintersliep komme en wer foarút begjinne te sjen nei it keatsseizoen dat foar de doar stiet. Tagelyk is dit ek sa'n momint om noch efkes werom te sjen op it keatsseizoen 2017. it meast yn it each springend wie fansels de ferrassende winst fan imke op de froulju's PC en de miskien wat minder ferrassende winst fan Roelie, Jeska en Selma op de Ald-Meiers. Letter yn dizze gearkomste meie wy jim, mei tank oan ús

PR-kommissje, wer in prachtich jierferslach oanbiede. Dan kinne jim it allegearre noch efkes rêstich weromlêze. Wat ik yn it foarwurd fan itselde jierferslach skriu, is dat efter dizze súksessen in organisaasje stiet mei tal fan bestjoers- en kommissjeleden dy't mei in protte entûsjasme tiid yn de keatsferiening stekke. ik bin tige grutsk op sa'n moaie ploech minsken. Wy wolle in feriening wêze dy't der is foar alle leden en dêryn is de stipe fan ús frijwilligers ûnmisber. Dochs wurdt it hieltyd dreger om ús fakatuere op te foljen, benammen de ôfrûne oardel jier sjoch ik dat. De konkurrinsje yn de fiver dy't Easterein hjit is grut. Besykje it oars earst ris 1 of 2 jier. Fynst it neat jou it dan gerêst oan. Want ik fyn dat je it dwaan moatte, omdat je it leuk fine en net omdat it moat. Fansels, it kostet tiid, mar it smyt ek in protte wille en enerzjy op en boppedat is it ek nochris tige learsum. Letter yn dizze gearkomste krije jim wer in oersjoch te sjen fan ús fakatuere. As der wat foar jim tusken sit of jim ha in oare suggestje, lit it ús dan witte. No ha ik earst genôch sein en sille we los mei de gearkomste. ik wol eltsenien in noflikke gearkomste tawinskje."

2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Gjin meidielings. Wurklist wurdt fêststeld.

Ynkommen stikken:

- Der bin gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

3. Ferslach fan de foarjersgarkomste fan 8 maart 2017

- Elts lid hat de oantekens fan de foarjersgarkomste al ta-stjoerd krigen. Wilma freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne > gjin fragen. Hjirnei wurde de oantekens fêststeld.

4. Finansjeel ferslach

- René jout oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2017 en de begutting foar 2018.

Rekken 2017 (totaal)

Opbringsten	Begutting 2017	Rekken 2017	Rekken 2016
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	2.919	2.273	2.423
Sponsorjilden	12.350	12.825	12.652
Kontribusje en trainingsjilden	9.725	8.985	9.919
Aksjes	7.060	5.826	7.088
Subsydje Gemeente	800	854	663
Subsydzjes en bydragen	0	0	0
Ferskate opbringsten	3.350	2.453	3.819
Totaal opbringsten	36.204	33.215	36.563
Utjeften	Begutting 2017	Rekken 2017	Rekken 2016
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	10.225	8.194	8.903
Kosten wedstriiden	3.674	4.088	3.945
Ferieningskosten	7.620	7.750	7.836
Hier sporthal, fjilden, materialen	2.545	1.854	1.295
KNKB en Federaasje	3.955	4.186	3.970
Aksjes	2.495	2.127	2.456
Materiaal	6.940	5.856	6.780
Totaal uitgaven	37.454	34.055	35.185
Resultaat	-1.250	-840	-1.378

Organisaasje 2017

Opbringsten	Begrutting 2017			Rekken 2017			Rekken 2016		
	Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynkkomsten partijen		0		0		0			0
Sponsorjilden		3.625		3.350		3.352			3.352
Kontribúsje en trainingsjilden		9.725		8.985		9.919			9.919
Aksjes		5.210		3.941		5.535			5.535
Subsydzje Gemeente		800		854		663			663
Subsydzjes en bydragen		0		0		0			0
Ferskate opbringsten		2.250		1.389		1.840			1.840
Totaal opbringsten		21.610		18.518		21.309			

Utjeften	Begrutting 2017			Rekken 2017			Rekken 2016		
	Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen		161		116		252			
Kosten wedstriiden		474		263		475			
Ferieningskosten		6.445		6.259		6.417			
Hier sporthal, fjilden, materialen		1.715		1.134		547			
KNKB en Federaasje		3.955		4.186		3.970			
Aksjes		2.200		1.861		2.215			
Materiaal		6.660		5.821		6.750			
Totaal uitgaven		21.610		19.641		20.626			
Resultaat		0		-1.122		684			

Minder resultaat troch: minder leden en minder opbringst koeke-aksje.

Wedstriiden 2017

Opbringsten	Begrutting 2017			Rekken 2017			Rekken 2016		
	Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynkkomsten partijen		2.919		2.273		2.423			2.423
Sponsorjilden		8.725		9.475		9.300			9.300
Kontribúsje en trainingsjilden		0		0		0			0
Aksjes		1.850		1.886		1.553			1.553
Subsydzje Gemeente		0		0		0			0
Subsydzjes en bydragen		0		0		0			0
Ferskate opbringsten		1.100		1.064		1.979			1.979
Totaal opbringsten		14.594		14.697		15.254			


Utjeften	Begrutting 2017			Rekken 2017			Rekken 2016		
	Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen		10.064		8.077		8.651			8.651
Kosten wedstriiden		3.200		3.825		3.470			3.470
Ferieningskosten		1.175		1.491		1.419			1.419
Hier sporthal, fjilden, materialen		830		720		748			748
KNKB en Federaasje		0		0		0			0
Aksjes		295		265		241			241
Materiaal		280		35		30			30
Totaal uitgaven		15.844		14.414		14.559			
Resultaat		-1.250		283		695			

Minder útjûn oan krânsen en prizen en mear stipersjild binnen kommen.

Eigen fermogen

	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017
Kas	791	267	754	410	286	737	1.535
Bank	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332
Sparekken	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000
Oerrinnende posten	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596
Reservearring				1.300	3.900	6.796	10.896
Eigen fermogen	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567
Resultaat	-33	197	0	842	-310	1.378	-840

Ontwikkeling Eigen Fermogen K.F. Easterein



Begrutting 2018

Ynkkomsten	Begrutting 2018			Begrutting 2017
	Organisaasje	Wedstriiden	Totaal	
Kategory	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynlis wedstriiden		2.099	2.099	2.919
Sponsorjild	3.300	9.225	12.525	12.350
Kontribúsje/Trainingen	8.510		8.510	9.725
Aksjes	4.550	1.850	6.400	7.060
Subsydzjes/Bydragen	700		700	800
Ferskaat	1.755	600	2.355	3.350
Totaal ynkomsten	18.815	13.774	32.589	36.204

Grut ferskil by 'ferskaat' trochdat der gjin kliniks begrutte binne en der wie minder dielname oan it keatskamp yn 2017, op basis hjirfan is der foar 2018 begrutte.

Utjeften	Begrutting 2018			Begrutting 2017
	Organi-saasje	Wedstriiden	Totaal	
Kategory	Euro	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	285	8.145	8.430	10.225
Kosten wedstriiden, keatskliniks		4.026	4.293	3.674
Ferieningskosten	267	1.200	1.467	7.620
Hier sporthal, fjilden, materialen	1.105	774	1.879	2.545
KNKB en Federaasje	3.963		3.963	3.955
Aksjes	1.750	265	2.015	2.495
Materiaal	788	535	1.323	6.940
Totaal útjeften	17.427	14.945	32.372	37.454
Totaal ynkomsten	18.815	13.774	32.589	36.204
Resultaat	1.388	-1.171	217	-1.250

Ferieningskosten heger om jild te reservearjen foar it lustrum. Ferskil materiaal: reservearring foar kleen is der úthelle.

Foarstel kontribúsje 2018

	2016	2017	2018	Ferskil
Kontribúsje senioaren	33,50	34,00	34,50	0,50
Kontribúsje jongerein	25,25	25,75	26,00	0,25
Trainingsen jongerein				
- seal	12,50	12,50	12,50	-
- fjild	17,50	17,50	17,50	-
- beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynlis wedstriden				
- senioaren	3,00	3,00	3,00	-
- jongerein: Fed.Snits	2,00	2,00	2,00	-
KNKB	3,00	3,00	3,00	-

Kontribúsje giet mei € 0,50 omheech foar de senioaren en foar de bern mei € 0,25. It stipersjild leit kwa persintaasje wat te heech, dêrneist kieze we leaver foar in lytse ferheging jierliks dan in gruttere ferheging oer in langer skoff.

- Dirk-Yde freget de oanwêzigen oft se akkoard gean kinne mei dizze ferheging: de gearkomste giet akkoard mei de kontribúsje-ferheging.

Aksjes 2018

Opbringsten	Rekken 2017	Begrutting 2018
Aksje	Euro	Euro
Molkwarder koeke	1.607	1500
Rabo leden	220	150
GEKE	70	125
Poesz	0	800
Ferlotting JFP	815	850
Jumbo Flessebonnen	252	225
Vriendenloterij		

- René: "Nij is de aksje Vriendenloterij; minsken dy't hjir lid fan binne kinne harren lidmaatskip oersetse nei de KF, dan giet de helte fan de kosten fan de lotten (94 euro/jier) nei de KF. We binne oan it útsykjen oft dit wat foar de KF is. 17 Maart stiet de jeugdkommisje yn Skearnegoutum foar de Poesz jeugdaksje, munten kin by de JK ynlevere wurde. We ha in Poesz app yn it libben roppen dêr't jim de wyklike oanbieding trochjaan kinne, ien fan de bestjoersleden hallet de bestelling dan op. Dit smyt behoarlik wat ekstra munten op. Oanmelde foar dizze app kin by ien fan it bestjoer. De koeke-aksje is fan 26-28 maart. Mail om hjir oan mei te helpen folget ynkoarten. Stipe yn tiid of jild by boppesteande aksjes is fansels altyd wolkom!"
- Tjerk Okkema: "Dogge jim ek mei oan NL doet?" René: "Nee, mar we sil hjir nei sjen."

5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid

- Tjerk Politiek en Bauke Dijkstra dogge ferslach fan de kaskontrôle: Tjerk: "Alles wie sear korrekt, mei tank oan it protokol fan Anco ha we alles goed besjoen, ús segen hat hy". Hjirnei wurdt decharge oan de ponghâlder ferliend. Tjerk

Politiek en Bauke Dijkstra wurde betanke, Tjerk syn sit fan 2 jier sit d'r op en omdat Bauke nij lid fan it haadbestjoer wurdt, moatte we eins op syk nei 2 nije kaskommisjeleden. Besletten wurdt dat Tjerk in jier langer yn de kaskommisje bliuwt. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Marit Kuperus.

6. Presintaasje jierferslach 2017

- Wilma krijt it wurd: "it jierferslach hat in wat oare styl krigen: we ha keazen foar minder tekst en mear foto's. Fansels is der wiidweidich oandacht foar de prachtige winst op de Ald-Meiers partij; de froulju ha sels ek in ferslach fan dizze bysûndere dei makke. Ek omtinken foar de keatster fan it jier; Selma de Boer. Dêrneist in soarte fan ynterview fan ús ôfskiednimmende JK leden: Hans en Liesbeth, se ha der in moai en grappich ferhaal fan makke. Natuerlik stean ek alle wedstriidferslaggen en oare hichtepunten fan 2017 der yn. ien hichtepunt fan 2017 wol ik noch efkes spesjaal neame: de winst op de froulju's PC foar imke en har maten. Hjir wolle we noch efkes oandacht oan skinke. Tidens de slotwedstriid ha we de keats(t)ers yn it sintsje setten dy't in bysûndere prestaasje levere ha yn 2017 mei blommen en presintsjes. imke hat doe gjin presintsje krigen omdat we dit tidens de resepsje dwaan woene. Mar omdat KF Wommels in lytse resepsje hâlden hat sûnder oare ferienings út te noegjen, ha we noch gjin gelegenheid hân om dit oan te bieden. Dêrom wol ik ús kreative brein Wiepkje efkes nei foaren roppe; sy sil imke in oantinken oanbiede tegearre mei Marije." imke krijt út hannen fan Wiepkje en Marije in kado oanbean foar it winnen fan de froulju's PC yn 2017.



it jierferslach wurdt yn it skoff útdield oan alle oanwêzigen.

7. Skoff

- Omdat de gearkomste sa moai flot giet, hannelje we earst punt 8 ôf. Hjirnei ha we skoff fan 20.55 oere - 21.12 oere. Wiepkje hat de gearkomste ferlitten omdat se siik is.



8. Bestjoersferkiezing

- **Oftredend:** Marten Faber, foarsitter technyske kommisje
Foardracht: Bauke Dijkstra
Oftredend: Wilma Sjaarda, foarsitter PR kommisje
Foardracht: Fakatuere
- Mattie rjochtet it wurd oan Marten: "Yn it bestjoer sûnt maart 2013 as foarsitter TK as opfolger fan Ype Tiemersma. As foarsitter hast dy der aardich troch hinne slein. Taak as foarsitter TK sa as beskreaun yn it beliedsplan wêrsto in protte mei dwaande west bist is: De Technyske Kommisje is in ûnderdiel fan it bestjoer, sy fiere neist de trainings mei-inoar it seleksjebelied van KF Easterein út. De TK bestiet út minimaal 3 leden fan KFE (wêrby ien ôffurdige fan it HB de foarsittersrol ferfollet), in yndividueel TK lid mei nea in seleksjebelied útfiere. Dit bard altyd yn oerlis mei de oare TK leden. Wannear der ferskillende mieningen binne kin der foar keazen wurde om mei in stemming ta in beslút te kommen. As de TK net út in kwestje komt dan lizze se dit foar oan it HB, it wie net altyd like maklik, je moatte wolris minsken teloarstelle mei de gearstalling fan de partoeren dy't Easterein fertsjinwurdigje op de ferskate ôfdielingswedstriden. Dan moatte je by de oangeande minsken del om út te lizzen wêrom bepaalde beslissingen naam binne. Dan is it stikje belied dat je folgje kinne wol hiel belangryk fansels. Wat my, ús as HB en de TK tink ik foaral by bleaun is, is de outfit dêrst yn kaamst nei de gearkomsten. Trainingsbroek, hoody fan de KF en op badslippers, it hier wyld want kaamst krekt ûnder de brûs wei. Yn de 'chillstân' dus. De gearkomsten duorje dy ek gau te lang mar, wiest meastal wol paraat.
Marten we wolle dy tige tank sizze foar dyn ynset al dy jierren foar de keatsferiening Easterein. Bauke Dijkstra sil dyn stokje oernimme yn it HB en Jan Schurer nimt de taak as trainingskoördinator op him yn de TK. Fierder binne der noch in pear fakatueres mar dêr komme we fêst wol út.
We ha noch in oantinken foar dy en winskje dy alle lok ta mei dyn frou en bern." Hy krijt blommen en in oantinken fan 't Quakeltsje, dit wurdt oanbean troch Mattie en Dirk-Yde. Dirk-Yde: "We ha lokkich in opfolger foar Marten fûn: Bauke Dijkstra wurdt de nije foarsitter fan de TK." De gearkomste giet middels applaus akkoard mei Bauke syn oanstelling.
- Mattie ropt Wilma nei foarren: "Do giest de PR kommisje ferlitten mar lokkich bliuwst wol as sekretaresse yn it haadbestjoer. it is ek fierstente leuk fansels en we binne ek o sa wiis mei dy. De PR is sa ynrychte datsto altyd it wurd diest as der minsken út de kommisje gongen. De PR froulju wiene net sa happich om dat stokje fan dy oer te nimmen en omdat der noch gjin opfolger foar dy fûn is sil ik dy no oansprekke. Do tochtst fansels datsto der sa fan ôfkomme soest mar dat kin natuerlik net samar foarby gean. ik ha al in opsjetsje fan "dyn froulju" krigen en sil dat foarlêze. Acht jier lyn, yn 2010, begûn as 'staazerinner' yn de PR-

kommisje by dyn sus Karin. Sa koest de keunst moai efkes ôfsjen. in soad karaktereigenskippen binne itselde, mar do hast der ek seker dyn eigen draai oan jûn. Altyd alles op 'e rit, de toutsjes strak yn hannen, fuort en daliks aksje en soms, as it nedich wie, de poat stiif hâlde. De measte minsken koene dy noch net sa goed, do kaamst eins nea op it keatsfjild of op de Skoallegeize. En no... bist der net mear wei te slaan!

De PR-kommisje wie (en is noch hieltyd) tige wiis mei dy. Fergaderje dochst net mear mei de PR, mar bist noch wol it 'lijntsje' nei it haadbestjoer. Se kinne noch hieltyd op dy rekkenje en sa lang as der noch net in nije PR-foarsitter fûn is, bliuwt dat ek sa... dochs???

Wilma, tige tank foar de moaie jierren en dyn geweldige ynset foar de PR!!
Wy, as HB, slute ús dêr fansels hielendal by oan. Dêrom foar dy ek in túfke blommen. ik wit datst fan blommen hâldst en hoopje datst se moai fynst."

Ek Wilma krijt in bosk blommen oanbean.



9. Stikken KNKB gearkomste op 15 maart 2018

- Dirk-Yde: "Tidens de AV KNKB op 15 maart wurdt der ôfskied naam fan bestjoerslid Tjeerd Dijkstra én Marco Hoekstra wurdt beneamd ta nije direkteur fan de KNKB. Der bin 2 hammerstikken tidens de AV KNKB op 15 maart:
- Ynstellen AV kommisje jierrekken en beneaming leden (Pieter Zondervan, Lammert Leeuwen, Ruurd de Vries)
- Foarstel útwreiding mandaat AV kommisje finânsjes. De AV kommisje finânsjes wurdt tidich útnoadige advys te jaan oer ôfwikings fan de begrutting fan materieel belang."
De gearkomste giet akkoard mei beide hammerstikken.

10. Punten fan út it bestjoer

- Meidielings fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits. Dirk-Yde: "Dizze gearkomste is ek fannejûn. Belangrykste meidielings binne:
- Neijiersoerlis ferfalt, de federaasje giet ek oer op ien gearkomste per jier;
- Allinnich leden fan Federaasje Littenseradiel/Warkum-Boalsert-Wûnseradiel en de Súdwesthoeke meie meidwaan oan wedstriden yn de Federaasje Snits. De federaasje is 24 jannewaris nei in gearkomste west dêr't alle

bestjoersleden fan alle federaasjes yn Fryslân oanwêzich wiene. Dêr is dit punt ek oan de oarder kaam. Dêr is ek dúdlik wurden dat der gjin lykwaardige ôfspraken binne oer dielname en dat dêr wol grutte behoefte oan is, hjir sil oan wurke wurde. Oant dy tiid giet ús federaasje mei dit beslút fierder;

- Nije bestjoersleden nedich!!"
- Liesbeth Bootsma: "Wurdt de opjefte ek blokt no't der net mear yn eltse federaasje keatst wurde kin?"
Dirk-Yde: "Dit sil (noch?) net tsjin te hâlden wêze yn it systeem".
- Ontwikkelings sportkompleks 'De Skoalleseize', Boudewijn Kramer krijt it wurd: "Net folle nijs. Nij bestjoerslid Oetze Paauw foar de fjilden (opfolger fan Wilco Overal). Dwaande mei pinapparaat en kassa. Drok dwaande om de kantine oan te klaaien. Súdwest Fryslân jout gjin subsydje foar it ûnderhâld fan de fjilden, hjir bin we drok mei dwaande en oan it praten mei de gemeente. We wachtsje earst ôf wat de gemeente wol en kin."
- Tjeerd Dijkstra: "Wa pleatst de ballefanger?"
Christian Hoekstra: "ik pak dat op mei Oetze Paauw en Wilco Overal, hinget hooplik foar Keningsdei".
- Ofskied kommisjeleden:
 - Technyske kommisje: Marije Hiemstra
 - Jongereinkommisje: Liesbeth Bootsma en Hans Kooistra
 - Wedstriidkommisje: Jelle de Boer (net oanwêzich)
 De ôfskiednimmende kommisjeleden wurde betanke foar harren ynset en krije út namme fan it haadbestjoer in bosk blommen oanbean. Marit Kuperus sil in sit nimme yn de JK en Jan Schurer komt yn de TK as trainingskoördinator.



- Fakatueres:

- Haadbestjoer	FMK foarsitter PR
- Technyske kommisje	froulju: junioaren/senioaren skooljonges/jonges manlju: junioaren/senioaren/50+
- Websideredaksje	3 redaksjeleden
- Jongereinkommisje	algemien lid
- Wedstriidkommisje	frijwilligers/karmasters

Wilma: "Sa't jim sjen kinne bin der noch aardich wat fakatueres. Falt noch net ta om se op te folgjen. Lökkich ha we no sa'n 6 'fytte fitters' ree fûn om de fjilden foar de lede-wedstriden te lizzen. Hjirmei kin we hooplik ek makliker in FMK man fine foar yn it bestjoer. Suggestjes foar wat foar funksje dan ek, heare we graach!"

- Keatskamp 2018 > Marije krijt it wurd: "Drok dwaande mei de taredings, we fiere it lustrum fan 5 jier (noch mear feest as oars), ynkoarten lâns de basisskoalle foar de stunt, tema is 'feest', keatskamp is fan 30 april o/m 2 maaie. We bin oan it neitinken oer opfolgers foar imke en mysels. Nij is dat de opjefte fia de webside giet. We ha der wer in soad sin oan!"
- Liesbeth Bootsma jout de komplimenten oan de keatskampkommisje foar de organisaasje.
- Lustrum 2019 > Mattie fertelt: "Yn 2019 ha we wer in lustrumjier fan Keatsferiening Easterein. We ha dêrom 2 jier lyn al in NK oanfrege en it like ús (Wilma, Karin, Wiepkje en my) wol leuk om ek wat fan in musikal of revu te dwaan. Sûnt 2016 binne we al dwaande om in opset te meitsjen foar in revu. Dêr komt hiel wat by sjen fansels; wat foar stik, hokker spilers, muzyk, lûd en ljocht, wêr moat it opfierd wurde, spullieder en der sil fêst mear op ús paad komme. Eins wol ik der noch net safolle oer kwyt mar oan de oare kant binne we der ek sa fol fan, dat we no dochs mar wat diele. We binne no safier dat der in stik útsocht is en der in spullieder fûn is. Dit sels nei gesprekken mei 5 gadingmakers. Dizze spullieders hienen noch nea meimakke om op sollicitaasjegesprek te kommen, we pakke it serieuus oan dus. De earste minsken binne frege om mei te dwaan, it plak dêr't it spile wurdt is regele, dus it is yn aksje. ik sil in lytse hint jaan: it is in stik dêr't ús hjoeddeistige foarsitter as lyts jonkje al ris yn spile hat mei Rients Gratama. We ha by Rients Gratama op besite west yn novimber 2016 en in hiel fijn gesprek hân. We ha fan him en syn frou de noadige papieren krigen en binne hjir mei oan de slach gongen. No't Rients ferstoarn is, is it hielendal bysûnder om hjir mei syn allen wat fan te meitsjen. Oant safier, as jim fêst it Himelfeartswykein yn jim aginda sette wolle foar 2019, sille we der mei syn allen fêst in hiel moai barren fan meitsje.
- Sipke Hiemstra: "Komt der in tinte of is it yn de SKS? Wat stiet der mear op it programma? Haadklasse wedstriid manlju/froulju?"
Mattie: "Federaasjedei is takom jier yn Easterein, mar sil net yn it Himelfeartswykein wêze. Oer it plak fan de foarstellings wol ik no noch neat sizze."
- Start kompetysjekeatsen is op tongersdei 3 maaie foar de senioaren en de jongerein start op 8 maaie.

11. Wedstriidaginda 2018

- Mattie jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2018: "Dit is it wurden. it hat hiel wat fuotten yn de ierde hân.



De earste oanfraach foar de KNKB wedstriden wie sa:

- Snein 27 maaie skoaljonges ôfdieling + opstap
- Sneon 9 juny manlju 1e klasse f.f. ûnbepערkt
- Sneon 7 july manlju 50+ NK
- Woansdei 25 july JFP
- Snein 26 augustus pupillen famkes A + B klasse

De folgjende wedstriden krigen we tawiisd:

- Snein 6 maaie froulju haadklasse f.f. en 1e klasse f.f. ûnbepערkt
- Snein 27 maaie skoaljonges ôfdieling + opstap
- Woansdei 25 july JFP
- Snein 5 augustus manlju 1e klasse ûnbepערkt
- Snein 26 augustus pupillen famkes f.f.

5 Augustus ha we werom kopele nei de KNKB omdat dizze wedstriid foar it fjild te ticht op de JFP komt en omdat we út betroubere bron witte dat in protte mannen der net binne omdat dat it earste wykein nei de PC is en de druk fan prestearyen wat fan de ketel is. Der is net in oare datum útkommen om dizze wedstriid yn Easterein te krijen, sadwaande ha we no 4 wedstriiddagen. Doe ha we de rest fan de wedstriidagenda ynfolle mei 8 x in ledewedstriid foar senioaren en 6 x foar de jongerein. Noch 2 federaasjewedstriden fansels; foar de jongerein de ôfdieling en foar de senioaren fansels de befaamde Okkemapartij.

1 July is der in ledewedstriid yn gearwurking mei KF Wommels. We meitsje der in battle fan en gean mei syn allen gesellich keatsen en striden om in moaie deipriis foar de feriening dy't dy dei de measte punten wint yn de wedstriden tusken in partoer fan Wommels en Easterein. Nei de tiid in neisit en dan moat dizze dei wol in súkses wurde tink ik sa. Oare jier is dizze wedstriid yn Wommels en sa wolle we der in moaie tradysje fan meitsje.

Nij is ek it strjittekeatsen op sneon 26 maaie. Dit giet dus op strjitte barren en sa hat SDS net lêst fan ús. Oars besykje we yn maaie gjin wedstriden op sneon te plannen. ik hoopje dat jim jim der yn fine kinne. Wy binne der yn elts gefal wer klear foar. Al rekkenje wy ek wer op jim help mei de wedstriden en ledewedstriden fansels."

- Tjeerd Dijkstra: "Mooglikheid om tidens de sealkeatswedstriid mei syn 4-en te keatsen (trochwikselje), dan kin der mear meidwaan."
- Dirk-Yde: "Dizze tip sille we meinimme."

12. Omfreegjen

- Sipke Hiemstra: "Status keatsmuorre, bin der ûntwikkelings?"
Dirk-Yde: "Stiet op ús aksjelist, is beprate mei de SKS mar is in lang trajekt. Der is mear romte om hjirmei oan de slach te gean no't it keunstgersfjild leit."
Tjeerd Dijkstra follet oan: "Fanút de KNKB wurdt der subysdzje jûn foar oanskaf fan in keatsmuorre (fanút Oranjewoud) en miskien subysdzje fanút de gemeente Súdwest Fryslân."
- Tom Couperus: "Ledekeatsen wurdt minder. idee om ris te besykjen dat minsken harren op jaan kinne oant in heal oere foar oanfang fan de wedstriid. Oanfang 16 oere?"
Dirk-Yde: "We besykje mear fariasje yn de wedstriden oan te bringen. We nimme dizze suggestje mei. We stean iepen foar tips, ideeën en winsken."
- Tjerk Okkema: "Meardere partoeren by NK 50+ en froulju, wat is de status hjir fan?"
Dirk-Yde: "Hjir is foarrich jier oer stimt yn AV: mearderheid wie tsjin. Mar as dit wer yn stemming brocht wurde kin, sille wy seker wer foar stimme".
- Hans Kooistra: "Der is lân frij kommen om de sportfjilden hinne. is der in mooglikheid foar in 3e fjild?"
Boudewijn Kramer: "is oer praten, falt noch neat oer te sizzen".
- Jelte de Boer: "Ha jim noch wat dien mei de opmerking oer it oantal kommisje/bestjoersleden? is dit echt nedich?"
Dirk-Yde: "We ha it hjir oer hân, bliuwt in lestich yts. JK en TK ha it oer in gearwurking hân en dit sil fierder beprate wurde. it hâldt ús oandacht."

13. Sluting

- Dirk-Yde slút de gearkomste om 22.15 oere: "Tank foar jim komst! Graach biede wy jim noch 2 konsumpsjes oan op kosten fan de keatsferiening, dus jim hoege noch net nei hûs. Mar oars, wol thús!"

Woansdei 25 july 2018: de 14e Jong-Feintepartij

André van Dellen, Patrick Nauta en Patrick van Dellen ha foar Berltsum de Jong-Feintepartij wûn. Yn de finale waard it partoer fan Hijum-Feinsum mei de keatsers: Hielke Beijering, Giancarlo Teitsma en Laas Pieter van Straten mei 5-0:6-4 ferslein. Op dizze stân moat Laas Pieter van Straten in lytse keats behâlde by de opslach. Patrick van Dellen slacht de keats behearst foarby en sa wint Berltsum de 14e edysje fan dizze spesjale ôfdielingswedstriid foar junioaren. Noch nea earder wûn ien fan dizze ôfdielings de Jong-Feintepartij. Berltsum hat yn 2016 in 3e priis pakt en Hijum-Feinsum wûn ek de 3e priis yn 2007.

Dizze 14e edysje waard der ek wer moai keatst en folop foar de prizen striden. Op de list stiene 26 partoeren, 2 debutanten (Jelsum-Koarnjum-Britsum 2 en Dronryp 3) en 6 PC keatsers. It wie dizze dei tige waarm, mar lokkich kaam der middeis wat bewolking by. De drone hat fanút in unike hoeke ek wer moaie plaatsjes makke.

Berltsum soe de dei begjinne tsjin Arum, mar dy hiene harren ôfmelden en dus gongen sy sa troch nei de 2e omloop. Dêr komme se Jelsum-Koarnjum-Britsum1 tsjin, dit winne se mei 2-5:4-6. Op de tredde list keatse se tsjin Frjentsjer 2, dit einiget yn 3-5:4-6. Dan de heale finale tsjin Winsum. Sûnder fan kant te wikseljen komt Berltsum mei 1-0 efter. Dêrnei giet it gelyk op, 2 earsten gelyk en 6-2 foar Winsum, Berltsum komt dochs noch gelyk oant 6-6. Oant 3 earsten gelyk is it spannend. Dêrnei rint Berltsum troch nei 3-5. Dit is dan ek de einstân fan de partij; 3-5:4-6.

Hijum-Feinsum keatst de earste omloop tsjin Ingelum, sy winne dit mei 4-5:2-6. Dan folget Seisbierrum-Pitersbierrum. Se komme 2-4 efter, mar op 6-6 wurdt de bal boppe slein troch Hijum-Feinsum. Op 4-5:6-6 slacht Laas Pieter van Straten de bal werom yn it perk. De lêste slach is yn it foardiel fan Hijum-Feinsum, sy pakke de keats op 5-5:4-6. Yn de 3e omloop ha se in steand nûmer.

Dan de heale finale tsjin Easterein 1, de pleatslike favoryt. Hijum-Feinsum hat krekt wat mear oer en komt op in 5-1 foarsprong, Easterein 1 besiket it noch en pakt in spul. Dêrnei is it gau dien, Hijum-Feinsum slacht de keats foarby en wint úteinlik mei 5-2:6-4.

Yn de finale begjint Berltsum sterk, sy komme drekst mei 0-1 0-6 foar. Mar Hijum-Feinsum jout noch net ta, sy komme lyk oant 6-6. Dochslacht Berltsum op dit stuit de bal fier boppe. Sa liket it de hiele partij wat te gean. Hijum-Feinsum probearret it wol. Mar nei in dei yn de waarme sinne, wêrby twa keatsers in dûbele funksje hiene, wiene sy útkeatst.

Berltsum keatst deeglik en fol fjoer. It wurdt op 3-0 noch ien kear 6-6. Mar op 5-0 6-4 jout Berltsum de genadeklap troch de keats foarby te slaan. Berltsum is oer de hiele dei sjoen de oertsjûgjende winner.



PRIISWINNERS JONG-FEINTEPARTIJ 2018

1. Berltsum

André van Dellen, Patrick Nauta en Patrick van Dellen

2. Hijum-Feinsum

Hielke Byering, Giancarlo Teitsma en Laas Pieter van Straten

3. Easterein

Bote Jellema, Doede Rients Okkema en Rémon Tie Bouma

3. Winsum

Sipko Greidanus, Wessel Hilverda en Evert Pieter Tolsma



De wedstriidkommisje sjocht werom op 2018

It jier dat Jelle de wedstriidkommisje ferlitten hat mar we noch net in nij wk-lid fûn ha. De minsken dy't we frege ha, sjogge it net sitten om de WK te fersterkjen of ha allegearre oare drokte. Lokkich hat Jelle ús net yn de steek litten. Hy hat der, tegearre mei ús, foar soarge dat we op de 4 KNKB wedstriiddagen dy't we organisearre ha, genôch karmasters op de linen hiene.

Wy (mar foaral Jelle) ha wer nije minsken fûn dy't it leuk fine om in dei lâns de keatslinen te stean of te sitten en op de mominten as dat nedich wie, in beslissing te nimmen oft de bal no út of yn wie of wêr't de keats lizze moast en sa fierder.

Anny hie dit jier in soarte fan stazje rinner mei. it is Anny har lêste jier as WK lid en Tineke Kamstra sil har taken oernimme. Sy sil no bygelyks yn de golfkarre om de fjilden ride om de karmaster te foarsjen fan in hapke en in drankje. De oantekens komme no út de pinne fan Tineke. We sille Anny misse mar hoopje har fansels noch wol ris op it fjild te sjen.

Tjerk hat dit jier foaral wer dwaande west mei it útskykjen, bestellen en opheljen fan de prizen. We ha dit jier wat faker foar bonnen keazen sadat de fracht net te grut waard om mei nei hûs te nimmen as je yn de prizen foelen.

Romine hat it lottsjen foar de ledewedstriden fersoarge en de listen úttypt. Altyd wer in hiele klus, wa dogge mei, yn hoefolle klassen sille we keatse, komt it wat út

mei de a,b,c maten (eins noait fansels....)? Der binne wer hiel wat lottsjes omdraaid op de tafel.

ik (Mattie) ha besocht om te boel wat te begelieden en it lyntsje te wêzen nei it HB. We ha wer in skitterend moai jier hân mei moai wedstriden, meastentiids moai waar, gesellige minsken en in protte wille. it wie myn lêste jier as lid fan de WK en fan it HB. Wilma nimt it stokje oer yn de WK en Romine sil it lyntsje mei it HB fersoargje. ik ha der alle betrouwen yn dat dit goed komt. ik winskje Wilma en Tineke in protte súkses mei harren sit yn de WK.

Oant safier ús lyts ferslach fan de wedstriidkommisje 2018, jim kinne fierder yn dit fantastysk boekwurk, makke troch de PR, de ferslaggen en resulaten lêze fan de wedstriden.

De Wedstriidkommisje,

Anny Sjaarda, Romine Jelsma, Tjerk Politiek,
Jelle de Boer en Mattie Dijkstra





Noch hieltyd op syk nei in man of frou foar de fjilden en materialen ...

We binne yn 2018 drok dwaande west om noch in bestjoerslid te finen dy't de fjilden en materialen fan de keatsferiening beheare wol. Dit is oant no ta noch net slagge. Wêr't we wol tige bliid mei binne is de ploech mannen dy't dit jier mei de wedstriden de fjilden lein ha. We ha doetiids in pear 'fitte futters' frege en ha in jûn byelkoar sitten mei de fraach off se sa'n 15 kear yn it keatsseizoen de fjilden lizze wolle. Dit woene se wol besykje.

Roel Sijbesma, Yde Sjaarda, Geert Dijkstra, Jelle de Boer, Lolke Bouma, Willem Twijnstra, Theo Jelsma en Jan de Jong ha hiele gesellige dagen hân mei elkoar en ha no aardich yn de gaten hoe't de fjilden derby lizze moatte. Dit wie foar elkenien net like helder mar as je sels ek net faak keatst ha, falt dat fansels ek net ta. De mannen ha oanjûn dat se it kommende jier wol wer de fjilden lizze wolle, dêr binne we hiel bliid mei.

Nij dit jier wie it fangnet om it keatsfjild, dit om safolle mooglik ballen tsjin te hâlden dy't oars yn de feart of yn it lân bedarren. Yn de winter wurdt it oan de kant skood en mei de earste keatswedstriid sil it 'gerdyn' der wer hingje.

It materialehok is neisjoen troch inkele HB-leden; it oantal ballen is neisjoen, alles is opromme, der is sjoen off der ek in kwast ferve moat oer de materialen en sa fierder.

We sille fansels besykje sa gau as mooglik in man of frou te finen foar de fjilden en materialen om it HB te fersterkjen, mar oant no ta ha we it mei syn allen oprêden.

Ut namme fan it HB, Mattie - fisefoarsitter

Fan 'e PR-Kommisje

We ha wer in moai keatsjier effer de rêch mei as PR-hichtepunt fansels de Jong-Feintepartij. Dizze wedstriid waard alwer foar de 14e kear organisearre. It wie in prachtige dei en net te ferjitten in moai resultaat foar it Eastereiner partoer, de mannen gongen mei de tredde priis nei hûs. Oan 'e ein fan de dei wie der gesellige muzyk, mei foar elts wol in hapke en in drankje.

Wat is d'r bard?

Yn ferbân mei har ferhuzing nei Grins, hat Martine besletten om har stokje binnen de PR oer te dragen oan in oar. Har ferfangster as skriuwster is Judy Bergsma, wy stelle har graach oan jim foar. Judy wennet, sa't de measten fêst wol witte, mei Christian Hoekstra en harren famke op de Foarbuorren. Judy hat sels altyd op heech nivo keatst en is simmers faak op de keatsfjilden te finen tegearre mei Christian. As it net foar it keatsen is, dan wol foar de geselligheid.

Mattie Dijkstra wurdt foarsitter yn de PR-Kommisje. Foar dege- ne dy't Mattie net kin, stelle we har graach noch efkes foar. Mattie wennet tegearre mei Tjeerd Dijkstra op de Wynserdyk. Se binne altyd wol te finen op de keatsfjilden, se keatse sels of se binne op it keatsfjild om te sjen by ien fan harren bern. Judy en Mattie begjinne yn it nije jier mei harren nije funksje. It is in gesellich groepke froulju, dus dit sil fêst wol goed komme.

Wat stiet d'r te gebeuren?

Trochgeans binne we dwaande om alles op PR-gebied draaiende te hâlden, fan krystkaart oant in kompleet programmaboekje en fan ferieningsklean oant KF Toko. Fansels helpe we ek by de organisaasje fan de Jong-Feintepartij. Kommend jier is in jubileumjier, KF Easterein bestiet 115 jier. Der wurdt troch de KF it ien en oar organisearre, dit sil fansels ek wol de nedige drokte mei bringe foar de PR-kommisje, we wachtsje mar ôf, it komt fêst allegear wol wer goed.

Yn elts gefal sille wy ek it kommende jier wer ús bêst dwaan om d'r in prachtich nij keatsseizoen fan te meitsjen!

De PR-Kommisje,

Akke Jikke, Froukje, Jetske, Greet en Martine



In greep út ús aktiviteiten...



De útdaging fan de TK

Op it momint fan skriuwen wurdt der bûten om raak fjoerwurk ôfstutsen troch de jeugd fan Easterein en omkriten. Eltsenien is bûten en eltsenien is entûsjast. Ek de âlde lju binne drok dwaande om de jeugd wat by te bringen troch sjen te litten hoe't se dat earliids diene, doe't se sels krekt sa jong wiene...



Wat soe it dochs moai wêze as wy it keatsen wer krekt sa spannend meitsje kinne as it ôfstekken fan fjoerwurk. Dat de jeugd wer nocht krijt oan it keatsen en dat se hjir yn stimulearre wurde troch de âlden. Dat se elkoar wer meinimme nei de keatsfjilden en dat it wer stoer wurdt om in krânse oan de muorre te hawwen. Dit is de útdaging dêr't wy op dit momint as TK foar stean. Wy sjogge dat de dielname efterút rint op sawol de wedstriden as de trainings. Dit jildt net allinne foar ús feriening mar úteins foar alle ferienings.

Y.f.m. in oantal wikselingen binnen de TK, ha wy yn 2018 mei in nije ploech besocht de TK draaiende te hâlden. Dit foel úteinliks net mei en dêrtroch ha wy net in flekkeleas jier hân. Ek it keatsjier yn syn gehiel hat wikseljende súksessen

oplevere. Mar ûnder it motto 'Al doende leert men' besykje wy der yn 2019 wer in moai jier fan te meitsjen. Mei in oantal fersterkings binnen de TK en mei in frisse blik, binne wy alwer drok dwaande mei de tariedings foar it kommende seizoen. Litte wy, mei it ôfrûne jier yn de holle, der wer in fantastysk sportyf jier fan meitsje. Dan soargje wy der mei bestjoerders, trainers, âlders, frijwilligers en keatsers wer foar dat wy KF Easterein en it keatsen yn syn gehiel op de kaart sette!

Eltsenien alfêst in protte súkses.

De Technyske Kommisje,

Jan, Robert, Lysbet en Bauke

Keatser fan it jier ... in super ear!

Dit hie ik net tocht, dit jier bin ik foar de twadde kear 'keatser fan it jier' wurden. Doe't we by de lêste wedstriid oankamen moasten we in papierke infolje wa't de keatser fan it jier wurde moast en wêrom. Ik hie hielendal gjin idee wa't ik opskriuwe moast, ik ha keazen foar Roelie omdat se de jongste dielnimmer wie oan de Froulju's PC.

Ik kaam dy dei einliks om huldige te wurden foar de Ald-Meiers en it NK en hie fan te foarren net tocht dat ik keatser fan it jier 2018 wurde soe. ik fyn it in super ear om it foar de twadde kear te wêzen.



Dit jier hie ik alle wykeinen in priis, 7 kear de krânse, hjirtroch bin ik ek 1e wurden yn it einklassemint fan de KNKB. Hjir wie ik al hiel bliid mei, ik hie it net ferwachte, sjoen it foargeande jier. Myn hichtepunt dit jier wie dochs wol 'de Ald-Meiers', hjir ha ik mei Nynke Paauw en Alien Dijkstra de 3e priis wûn, super grutsk.

it muorrekeatsen gong ek super, in 1e priis yn de kategory single ûnder de 15 en in 3e priis yn België yn de kategory ûnder de 17. Ek bin ik Nederlânsk kampioen wurden mei Fiera de Vries yn de kategory ûnder de 15.

Al mei al 2 super seizoenen. ik hoopje dat it sa troch giet.

Corrie Kroondijk

2018 ... In weromblik fan de jongereinkommisje

Tidens de jiergearkomste op 7 maart nimme Liesbeth Bootsma en Hans Kooistra ôfskie fan de jongereinkommisje. Lokkich bliuwt Liesbeth noch efkes by ús om it seizoen op te starten en is se der ek mei de wedstriden noch faak by, super!!! Lokkich ha we Marit Kuperus ree fûn om plak te nimmen yn de jongereinkommisje. Wolkom Marit. Annebeth nimt it sekretariaat oer fan Hans, yn de hoop sa makliker nije kommisjeleden te finen, spitiernôch is dit noch net slagge en ha we op't stuit noch ien fakatuere.

We ha fan 12 febrewaris oant 8 april mei dien mei de Poiesz sponseraksje. Sneon 17 maart wiene wy yn Skearnegoutum om 'sponsermuntsjes' te freegjen oan minsken dy't dêr boadskippen diene en om safolle mooglik 'Bossche bollen' en bananesoezen te ferkeapjen, dêr sieten dizze wike 15 munten by. Mei de slogan 'Mei dizze bollen slane jo in boppeslach' en leave famkes dy't fregen, slagge it bêst. Oan 'e ein fan de dei siet 'ús buis' hast hielendal fol. De KF 'bestelapp' fan bakkerijprodukten mei 15 munten ekstra, stie ek 'readgloeierend', eltse wike wat oars lekkers yn 'e hûs. Tidens it gala yn Ljouwert krigen we de cheque útrikt mei € 976.--, geweldich!!!

De bern koene yn april wer meidwaan mei de sealtraining, fjouwer kear foardat it keatskamp begjinne soe. it keatskamp wie dit jier foar de fiifde kear, fandêr it tema 'Feest'. Yn maaie hiene we in flessebonaksje by de Jumbo. Doel wie om it jild te stekken yn de organisaasje fan it keatskamp. De flessebonaksje hat € 223,75 opsmiten!

Op tiisdei 15 maaie wie de earste wedstriid foar de jongerein. Y.f.m. it skoalfuotbal, dizze kear op tiisdei, it waar wie prach-

tich, bytsje wyn, sinneskyn en hast 25 graden. De jeu de boulers wiene ek aktyf op dizze middei, in gesellige drokte, mei hjir en dêr in pake of beppe dy't efkes kaam te sjen! Hast alle leden diene dizze middei mei, sadat der 39 bern oan't keatsen wiene.

Freed 1 juny keatste de jeugd fan federaasje Snits en omkriten in ôfdielingspartij yn Easterein. Der waarden 7 listen ferkeatst troch te keatsen yn ferskillende poules. Lokkich koene al dizze listen hielendal ferkeatst wurde en kamen de foarsizzings fan buieradar net út. We ha oan 'e ein in pear driipen rein hân, mar oer it algemien ha wy it troffen mei it waar. De jeugd wie tidens it keatsen tige entûsjast. in baltsje oer de boppe of in sitbal yn it perk, dat mocht eltsenien wol efkes hearre. Yn alle kategoryen wiene de bern tige fanatyk, mar ek posityf en earlik.

Op sneintemiddei 3 juny wie de âlder/bernpartij, wat wie it in gesellige en sportive middei, mei in hapke en in snapke! Hearlik waar, in bytsje bewolkt en sa no en dan kaam de sinne der troch!
it wie in tige slagge middei!



Woansdei 27 juny waard der wer in Iedepartij organisearre foar de jeugd fan 'e KF. It wie prachtich waar en der waard hjoed wer moai en sportyf keatst troch de oanwêzige bern. Yn eltse kategory koene wy poule keatse en by de kabouters waard dit sels dien mei seis partoeren. Dizze jongste kategory waard hjoed it bêst fertsjinwurdige mei mar leafst 12 fanatike kabouters!

Op sneon 14 july wie der wer in wedstriid foar de jongerein. It waar wie wer prachtich, bytse wyn en sinneskyn! Tige spannende partijen, 5 earsten gelyk - 6 gelyk en dan yn 't tuskenspul de bal wer yn it perk slaan.... by de kabouters noch wol, prachtich!!! We moasten by alle kategoryen de earsten telle, it lei ticht byelkoar...

Der wiene 39 bern oan't keatsen, we sjogge werom op in tige slagge dei!

Freed 24 augustus waard it jierlikse nachtkeatsen foar de jeugd organisearre. Oan it begjin fan 'e wike like it moai waar te wurden, mar op 'e dei sels wiene de foarsizzings dochs wat wikseljend. De jûn begong mei patat, frikandellen en limonade foar eltsenien. Doe't hast alle bern en frijwilligers op it fjild stiene om los te gean, soargen de hagelstiennen derfoar dat we efkes skûlje moasten.

Nei de earste oloop waarden de kompetysjewinners fan 2017 nochris yn it sintsje setten, omdat sy de wikselpriis wer ynleverje moasten. Dêrnei waard bekend makke wa't dit jier mei de wikselpriis nei hûs gean soene. Nei it útrikken fan de prizen moasten der noch twa omlopen keatst wurde. Sjoen it waar moasten we der aardich tempo yn hâlde. Lokkich wiene (hast) alle partijen út foardat it ûnwaar by ús wie en koene alle prizen fan it nachtkeatsen ek ferdield wurde.

Dat wie dan alwer de ein fan it keatsseizoen 2018.

Alle trainers, fjildlizzers, fjildmeaners, minsken efter de tillegraaf, wedstriidlieders, blokjerinners, barminsken, patatbakkers en oare helpende hannen, tige tank foar jimme ynset, geweldich!

No efkes in winterstop en dan sjogge we jim graach wer yn it foarjier fan 2019.

De jongereinkommisje,

Danny, Geertje, Fetsje, Marit, Klaas en Annebeth



Priiswinners kompetysjekeatsen 2018

Kabouters

- 1e priis: Fenne Sijbesma (59 pnt)
- 2e priis: Berber Sijbesma & Marrit v/d Weij (beide 54 pnt)
- 3e priis: Femke Paauw & Jildou Jellema (beide 49 pnt)



Welpen famkes

- 1e priis: Brecht Stegenga (66 pnt)
- 2e priis: Eelkje de Jong (59 pnt)
- 3e priis: Noa Ottens (30 pnt)

Welpen jonges

- 1e priis: Jarno v/d Weij (58 pnt)
- 2e priis: Pieter Age v/d Weide (56 pnt)
- 3e priis: Sibrand Stremmer (48 pnt)

Pupillen famkes

- 1e priis: Fianne Dijkstra (64 pnt)
- 2e priis: Liset Sijbesma (45 pnt)

Pupillen jonges

- 1e priis: Jorn Hiemstra (44 pnt)
- 2e priis: Ridzert Veldman (39 pnt)

Skoalfamkes

- 1e priis: Benthe Ottens (28 pnt)

Skoaljonges

- 1e priis: Redmer Stegenga (46 pnt)
- 2e priis: Siebo Boersma (43 pnt)



Finansjele- & stipekommisje

It jier 2018 hat foar de Finansjele- & stipekommisje benammen yn it teken stien fan it konsolidearjen fan de bydrage fan ús stipers en de bydrage fanút de ferskate aksjes dy't mei ynset fan in tal entûsjaste frijwilligers elts jier wer útfierd wurde. Wy kinne wol sizze dat dit oer it generaal ek dit jier wer tige slagge is. Benammen de bydrage fan mei inoar sa'n 50 stipers, soarget der foar dat de Keatsferiening Easterein har ambysjes ynfolje en úffiere kin.

Nij foar de Finansjele- & stipekommisje wie dat wy tafersjoch hâlde moasten op 'e begrutting foar de perioade fan 1-1-2018 oant de leden tidens de foarjiersgearkomste de begrutting fêststelle. Dit is sa besletten yn ferbân mei it werom gean fan twa- nei ien ledegearkomste per jier (krekt as de KNKB). No wiene wy fanút ús rol as Finansjele- & stipekommisje altyd al belutsen by it opstellen fan 'e begrutting en it neilibjen derfan, mar no ha wy dizze formele tafersjoch taak derby krigen.

Dit jier ha wy it tal stipers en it totale stipersbedrach op it begrutte nivo hâlde kinnen, ek dy fan de kleanstipers. De ôfdielingsklean en de troch elkoar lotters klean binne noch sa goed, dat it net nedich wie om nije klean oan te skaffen. Dit giet, sa't it no liket, ek wer op foar 2019, mar dan moatte de kleanstipers der wol mei akkoard gean.

Nei in oantal jierren haadstiper west te wêzen fan 'e Jong-Feintepartij moasten wy begjin 2018 op syk nei in nije haadstiper fan dizze ferneamde partij. Mei de ferkeap fan it Diels-hûs per 1-1-2018 geane Durk & Siemy no oare leuke dingen dwaan. Wy ha se lokkich behâlde kinnen as persoanlike stiper. Durk & Siemy, tige tank foar jimme stipe de ôfrûne jierren. Mei yngong fan 2018 ha wy ús trouwe stiper Drukkerij Van der Eems ree fûn om haadstiper fan 'e Jong-Feintepartij te wurden. Yn 2019 alwer de 15e edysje!!!

Op snein 2 septimber ha wy wer ús jierlikse stiperspartij ferkeatst. Under tige moaie waarsomstannichheden waard der troch ús stipers fûleindich keatst mei de sêfte bal. Mei tusken-troch broadsjes, sop, gebak en hapkes, binne ús stipers dy dei sawol letterlik as figuerlik yn it sintsje setten. Oan de ein fan de dei wie der noch in wiere priisútrikking mei de krânse foar Tom Couperus en Dirk-Yde Sjaarda. Wy kinne wer werom sjen op in tige slagge stiperspartij.

We priizje ús as keatsferiening Easterein lokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan ús keatsferiening ferbûn is en ús feriening trou bliuwt en somtiden sels ekstra stipet. Lâns dizze wei wolle we wer alle stipers, frijwilligers en oare ynstânsjes tige tank sizze.

Yn 2018 binne der wer ferskate aksjes west, wêrtroch ek de feriening mei harren leden en frijwilligers in substansjele bydrage leveret oan it rûn krijen fan it finansjele plaatsje. Mei in netto opbringst fan sa'n lytse € 5.000,- binne de ferskate aksjes fan grutte wearde foar it ynfolgen fan de ambysjes fan

Keatsferiening Easterein. Hjirby in koarte opsomming fan alle aksjes, dy't der hâlden binne dit jier: ferskate ferlottings mei de keatspartijen, flesse-aksje troch de jongerein, ús tradisjonele koeke-aksje yn it begjin fan it jier, de Poiesz-aksje (net elts jier yn ferbân mei ynlotsjen), de ferkeap fan PR artikels, de Rabo-lede-aksje, de opbringsten út GEKE en alle oare inisjativen.

Mei yngong fan 2018 is Hendrik Kuiper as nij kommisjelid yn 'e Finansjele- & stipekommisje kommen as ferfanger fan Klaas Pompstra. Hy hat him it ôfrûne jier fernuvere oer wat der nedich is om de keatsferiening finansjeel sûn draaie litte te kinnen, mar is no folslein ynwurke.

De taken fan de finansjele- en stipekommisje binne oer 2018 sa ferdielt west:

Tjeerd:	foarsitter en stiperkontakten
Anco:	skriuwer, stipe-administraasje en stiperkontakten
René:	kontakt HB as ponghâlder en stiperkontakten
Tymen:	fûnsen en stiperkontakten
Hendrik O:	algemien lid en stiperkontakten
Hendrik K:	algemien lid en stiperkontakten

Oan de ein fan 2018 hat Anco Elgersma oanjûn mei yngong fan 2019 op te hâlden mei syn rol yn 'e Finansjele- & stipekommisje. Sûnt 2007 hat hy al in sit yn 'e Finansjele- & stipekommisje, earst as ponghâlder en de lêste jierren as skriuwer en behearder fan de stiperadministraasje. Krekt as ús stipers, binne ek frijwilligers as Anco de Keatsferiening Easterein jierrenlang trou en binne ek ûnmisber foar it fuortbestean fan ús keatsferiening. Wy geane der fanút dat wy op koarte termyn in ferfanger oan jimme presintearje kinne en sille yn 'e foarjiersgearkomste Anco betankje foar al syn fertsjinsten.

De Keatsferiening Easterein sil yn 2019 yn it teken stean fan it 115 jierich bestean en it bestjoer hat hjir foar tige nijsgjirrige plannen nei foarren brocht. Wy as Finansjele- & stipekommisje sille yn gearwurking mei it haadbestjoer en de oare kommisjes der foar soargje dat dizze plannen ek allegearre finansjeel ferantwurde útfierd wurde kinne. Sjoen ús trouwe stipersgroep moat dat wol wer goed komme!

It finansjele 'reilen en zeilen' fan Keatsferiening Easterein kinne jimme sjen by it finansjele jierferslach en de algemiene ta-ljochting hjirop fan ús ponghâlder René Rijpma.

Stipers

Haadstiper

Couperus Hydrauliek B.V.

Easterein

Haadstiper Jong-Feinte

Grafische Groep van der Eems

Easterein

Kleanstipers

Couperus Hydrauliek B.V.

Easterein

Grafische Groep van der Eems

Easterein

Leanbedriuw Okkema

Easterein

installatiebedrijf De Jong

Easterein

Bos Mechanisatie B.V.

Easterein

Wedstriidstipers

Oranjeferiening Oranje & Heitelân

Easterein

Couperus Hydrauliek B.V.

Easterein

Kapsalon 't Kniplokaeltsje

Easterein

Posthuma Skilderbedriuw

Easterein

Bos Mechanisatie B.V.

Easterein

Leanbedriuw Okkema

Easterein

Autobedrijf Witteveen & Brouwer B.V.

Easterein

MRW Accountants & Adviseurs

Snits

installatiebedrijf De Jong

Easterein

Bloemsierkunst De Vlinder

Wommels

Autoschadeservice van Krimpen

Easterein

Murk's Slagerij

Wommels

Gebroeders Faber Grafmonumenten

Easterein

Handelsonderneming Altac

Easterein

Sporthuis A.P. van der Feer

Boalsert

Skylk

Easterein

Anonym

Easterein

Jong-Feinte stipers

Grafische Groep van der Eems

Easterein

Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland

Snits

int. Handels- & Transportbedrijf Gebr. Vellinga B.V.

Easterein

Jan Hiemstra

Frijentsjer

Juwelier Kramer

Frijentsjer

Bakkerij Posthuma

Wommels

v.d. Werf Bouwservice

Easterein

Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart

Wommels

Gebroeders Faber Grafmonumenten

Easterein

Mitselbedriuw BOU-plus

Wommels

Stifting Skoalleseize

Easterein

Keatsferiening Wommels

Wommels

B. Sandstra Mesthandel en Transport

Easterein

Boubedriuw Bootsma B.V.

Turns

Jouke Huitema

Nijlân

HDM Pipelines B.V.

Wommels

Noflik Easterein

Easterein

Jumbo Wommels

Wommels

FOOX | Bergsma Franeker B.V.

Frijentsjer

Bakkerij Molkwar

de Jouwer

Brouwers Schilders - Jimbar

Wommels

Mr. Th. J. Houtsma Notariskantoor

Warkum

Mondzorg Harkema

de Harkema

ECOstyle Group

Easterewâlde

Libertas Technical Solutions

Easterein

Wiersma Administratieve- en

fiscale dienstverlening

Wommels

Maatschap Kuiper

Easterein

Hotel Bornholm

Skylge

Durk en Siemy Douma

Kûbaard

Broekens

Ealahuzen

Fam. Pompstra

Easterein

Alfa accountants

Ljouwert

Rojo Steigerbouw

Swifterbant

Wheagan

Wommels

Vebo Cheese

Ljouwert

Anonym

Easterein

Aksjes

Yn 2018 ha we de 11e edysje fan ús jierlikse koeke aksje hâlden. Ein maart waard der mei frijwilligers in berch koeken ferkocht mei in netto winst fan **€ 1.393 (opbringst € 2.941, kosten € 1.548)**.

Der waard dus wat minder ferkocht as yn 2017 (netto winst € 1.607), mar noch altyd sa'n € 100 mear as it gemiddelde resultaat fan 'e foargeande 10 edysjes.

Ek dit jier (begjin april) gean we wer manmachtich by de doarren lâns is it plan, ast in oerke oer hast bist altyd wolkom om efkes te helpen! Fansels meie der ek bestellisten ynfolle wurde, sadat ek dyn kollega's fan dy hearlike koeken genietsje kinne!

Finansjeel

De begrutting foar it stipe- en subsydzjebedrach foar it jier 2018 bedroech **€ 13.225 (stipe € 12.525, subsydzje/bydragen € 700)**. Yn 2018 waard oan bydragen fan stipers, subsydzjes en (bysûndere) bydragen in totaalbedrach ûntfongen fan **€ 14.055**. It bedrach bestiet út: stipers **€ 13.050**, subsydzje/bydragen **€ 1.005**. Dêrneist waard yn natuera in bedrach stipe fan **€ 1.310**.

De rekken 2018 wurdt yn de foarjiersgearkomste fan 2019 presintearre. Foar 2019 ha we yn ferbân mei it lustrumjier in bedrach begrutte fan **€ 18.850 (€ 13.150 oan stipe en € 5.700 oan subsydzjes en bydragen)**.

De finansjele- en stipekommisje,

Tjeerd Dijkstra, Hendrik Kuiper, Tymen Dijkstra,
Anco Elgersma, Hendrik Okkema en René Rijpma

Algemiene taljochting op it finansjele jierferslach

Neist in 'opfallend' steile groeikurve op it keatsfjild, hat de ponghâlder op finansjeel gebiet ek noch net earder sa'n groei fan it eigen fermogen meimakke by de keatsferiening fan Easterein. Hjirfoar mei elkenien (stipers, leden mar foaral ek frijwilligers, sawol binnen as bûten bestjoer of kommisje) him/har sels mei de rjochter hân op it linker skouder slaan. De wurden dy't hjirby eins lûdop útsprutsen wurde moatte, binne: "Moai dien jong!"

Finansjele posysje

Oer 2018 ha we de aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden, nei reservearringen, mei in posityf netto resultaat fan € 1.917 ôfsletten. Dat betsjut dat we op 31-12-2018 in eigen fermogen ha fan € 16.484. As je de reservearrings foar it lustrum (€ 2.750) en it Keatskamp (€ 100) en de opnames foar ballefanger (€ 1.250) en Keatskamp (€ 500) bûten beskôging litte, ha wy 2018 ôfsletten mei in posityf bruto resultaat fan € 3.017.

As buffer foar ôffallers of it dwaan fan grutte ynvestearringen, stribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein der nei om in eigen fermogen te hâlden fan minimaal € 10.000. Troch it resultaat fan ôfrûne jier sitte wy in lytse € 6.500 boppe dy grins en dat is tige sûn. Wat my oanbelanget mei wy ús as bestjoer hast ôffreegjen gean off der neist in ûndergrins, ek net in boppegrins steld wurde moat om foar te kommen dat de pot hieltyd mar grutter wurdt. Dêrneist kinne dizze grinzen ek soargje foar wat stjoering by it opstellen fan de begruttingen fan 'e ferskate kommissjes.

Neist it eigen fermogen ha we no in bedrach fan hast € 9.150 oan reservearringen op de balâns stean foar klean, € 100 foar it keatskamp en € 2.750 om in diel fan 'e lustrumaktiviteiten fan te bekostigjen.

De bedragen oan debiteuren en krediteuren binne dit jier te ferwaarleazjen en op it momint fan skriuwen sels werom brocht oant € 0. As oerrinnende post is in bedrach fan omtrint € 665 boekt, it giet hjir om de pacht (novimber 2018 oant oktober 2019) foar de fjilden. Omdat de pacht betelle is yn 2018, wylst it gebrûk benammen yn 2019 plak fynt, is keazen om dit as oerrinnende post te boeken. Trouwens, dit wie ferline jier ek al sa.

Stipers

Ek dit jier meitsje de stipers wer in wichtich diel út fan de ynkkomsten fan de keatsferiening. Yn 2018 makke it stipersjild 38,4% út fan de begrutting. Yn de realisasje bestie 38,8% fan de ynkkomsten út stipersjilden. As keatsferiening Easterein binne we dan ek tige grutsk en tankber foar al ús stipers. It bestjoer stribbet dernei om in part fan ûngefear 1/3 fan 'e ynkkomsten by stipers te belûken. In 2/3 part soe dan troch kontríbúsje en ynls by partijen, aksjes, subsydzjes esfh. byinoander brocht wurde moatte. It realisearre persintaazje is dus eins wat oan 'e hege kant. Yn 2019 sil it persintaazje behoarlik oars wêze, omdat der yn ferhâlding mear subsydzjes oan frege wurde yn ferbân mei de lustrum aktiviteiten.

Oer 2018 hat ús keatsferiening in totaalbedrach fan € 14.055 (2017: € 13.679) oan stipe- en subsydzjejild ûntfongen. Dit bedrach is ferdield yn: stipers € 13.050 (2017: € 12.825) en subsydzje/bydragen € 1.005 (2017: € 854). Der is yn natuera foar € 1.310 (2017: € 1.270) stipe.

Resultaat

Sa as earder oanjûn, ha wy it boekjier 2018 mei in posityf resultaat fan € 1.917 ôfsletten, dêr wêr't in posityf resultaat fan € 217 begrutte wie. It ferskil fan € 1.700 wurdt berikt troch oan de iene kant (yn fergelyk mei de begrutting) € 1.076 mear ynkkomsten binnen te heljen en oan de oare kant € 624 minder útjeften te dwaan.

It resultaat fan 'e organisaasje is útkommen op in € 1.683 en foar de wedstriden op € 234.

Op it gebiet fan organisaasje (begrutte resultaat € 1.388) is € 91 minder oan opringsten binnen kommen, wylst der € 385 minder útjûn is.

By de wedstriden (begrutte resultaat -€ 1.171) is der € 1.167 mear oan ynkkomsten binnen kommen, wylst der € 239 minder útjûn is.

De foarnaamste posten dy't by de wedstriden foar ekstra ynkkomsten soarge ha binne: ekstra (+ € 525) stipers, in bydrage (+ € 300) dy't wy fan 'e federaasje hân ha en in bydrage (+ € 400) foar it fasilitearjen fan 'e Boere PC.

It resultaat op Wedstriden is ûnderferdield yn KNKB (€ 439), Federaasje (€ 259) en Leden (-€ 463)

Begrutting 2019

Yn ferbân mei it kommende lustrumjier mei in oantal ekstra aktiviteiten, sil de begrutting heger wurde as yn in 'normaal' jier. Dêr't it gemiddelde fan 'e begruttingen fan net-lustrum jierren (fan 2008 ôf) op ûngefear € 33.000 leit, sil dit jier de begrutting in lytse € 50.000 wêze. Al mei al in grut bedrach foar sa'n 'klupke' mei noch gjin 250 leden. Ek hjir kinne we grutsk op wêzel! De begrutting sil op 'e jierlikse ledegearkomste fierder taljochte wurde.

Finansjele aksjes

Wy binne as feriening ôfhinklik fan frijwilligers. Neist it ynfoljen fan ien fan de fakatueres, binne der ek oare manieren om by te dragen oan it súkses. By dizze wol ik dan ek grach wer

“De kâns is grut dat jim dan takom jier jim sels wer op it skouder slaan kinne en lûdop roppe: “Moai dien jong!””

alle lêzers oproppe om safolle as mooglik mei te helpen oan finansjele aksjes yn 2019. Dat kin betsjutte: mei koeken lâns de doarren, oerstappe nei GEKE en de jierlike fergoeding hjirfoar (€ 37,50) oermeitsje litte nei de KF, yn desimber stimme (€ 5) op 'e KF mei de Rabo-lede-aksje of bygelyks in kear helpe om fjilden te lizzen (dat is dan wol gjin finansjele aksje, mar it wurdt ek tige wurdearre).

De kâns is grut dat jim dan takom jier jim sels wer op it skouder slaan kinne en lûdop roppe: “Moai dien jong!”


René Rijpma



Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	1.683
Wedstriden	234
Jubileum	0
Totaal	1.917

	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018
Kas	791	267	754	410	286	737	1.535	887
Bank	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.064
Sparrekken	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000	26.000
Oerrinnende posten	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596	530
Reservearring				1.300	3.900	6.796	10.896	11.996
Eigen fermogen	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567	16.484
Resultaat	-33	197	0	842	-310	1.378	-840	1.917



Eksploitaasjerekken 2018

Saldy	31-12-18	31-12-17	Resultaat	
Kas	887	1.535	-648	
Betelrekken NL17 RABO 0349 5019 04	1.064	1.332	-268	
Sparrekken NL62 RABO 3495 1248 61	26.000	20.000	6.000	
Oerrinnende posten	530	2.596	-2.066	
Totaal	28.480	25.463	3.017	(Bruto)
Baten	Rekken 2018	Begrutting 2018	Ofwiking	Rekken 2017
Ynkomsten partijen	2.109	2.099	10	2.273
Stipersjilden	13.050	12.525	525	12.825
Kontribúsje	7.413	7.410	3	7.925
Trainingen (seal/fjild)	860	1.100	-240	1.060
Donateurs	619	600	19	589
Aksjes	6.284	6.400	-116	5.826
Subsydzje Gemeente	705	700	5	854
Subsydzje Bydragen	300	0	300	0
Kreditrinte	2	5	-3	4
Keatsclinics	0	0	0	0
Ferskaat	2.324	1.750	574	1.860
Totaal	33.665	32.589	1.076	33.215
Lêsten	Rekken 2018	Begrutting 2018	Ofwiking	Rekken 2017
Krânsen	2.008	1.980	28	1.649
Prizen	6.983	6.450	533	6.545
Organisaasjekosten wedstriden	4.008	4.293	-285	4.088
Hier sporthal	319	494	-175	672
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	1.158	1.385	-227	1.181
Trainers	463	725	-263	717
Ferieningskosten	9.352	9.745	-393	7.032
Aksjes	1.853	2.015	-162	2.127
Materiaal	1.789	1.323	467	5.856
Federaasje	100	125	-25	100
K.N.K.B.	3.716	3.838	-121	4.086
Totaal	31.748	32.372	-624	34.055
Resultaat netto	1.917	217	1.700	-840
Reservearring Lustrum/keatskamp 2019	2.850			
Opname út reservearring keatskamp/ballefangers	1.750			
Resultaat bruto	3.017			

Ferklearring kaskommisje 2018

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei René Rijpma, ponghâlder fan keatsferiening Easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn. Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2018 fan de keatsferiening Easterein.

Easterein, jannewaris 2019

De kaskommisje, Tjerk Politiek en Marit Kuperus

Taljochting op de eksploitaasjerekken 2018

Baten	Realisaasje t.o.f. Begutting	Oarsaak fan de ôfwiking
Ynkomsten partijen	€ 10	
Stipersjilden	€ 525	Ekstra stipers
Kontribúsje	€ 3	
Trainingen (seal/fjild)	€ -240	Minder trainings
Donateurs	€ 19	
Aksjes	€ -116	Minder entree JFP -€ 320 (Troch tige waarm waar?) Minder opbringst koeke aksje -€ 300 Mear opbringst ferlottings +€ 200 Mear opbringst Poiesz aksje +€ 175 Mear opbringst GEKE +€ 135 (Ynkl. € 150 fan 2017)
Subsydzje Gemeente	€ 5	
Subsydzje Bydragen	€ 300	Bydrage fan 'e Federaasje
Kreditrinte	€ -3	
Keatsclinics	€ -	Der binne gjin clinics west
Ferskaat	€ 574	Mear opbringst PR-artikelen +€ 140 (Net begutte) Boere PC +€ 400 Minder opbringst ferhier partytinten -€ 200 Mear opbringst ferhier materialen +€ 150 Mear prizen retoer +€ 120
Totaal	€ 1.076	
Lesten	Realisaasje t.o.f. Begutting	Oarsaak fan de ôfwiking
Krânsen	€ 28	
Prizen	€ 533	Mear prizen (Mar ek mear prizen retoer +€ 120)
Organisatiekosten wedstriden	€ -285	Publisiteitskosten -€ 50 Minder konsumpsjes -€ 340 Skiedsrjochterskosten +€ 150 Minder ynlijisd -€ 145 Mear blommen +€ 100
Hier sporthal	€ -175	Minder hier
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	€ -227	Elektrisiteit +€ 60 Minder hier materialen -€ 290
Trainers	€ -263	Minder trainerskosten
Ferieningskosten	€ -393	Drukwurk -€ 420 Attinsjes -€ 400 Ynternetkosten +€ 265 Postsegels en frachtkosten +€ 170 Waskkosten -€ 35
Aksjes	€ -162	Minder koeken -€ 200 Kosten ferlottings +€ 40
Materiaal	€ 467	Keatsballen +€ 50 Oanskaf PR-materialen +€ 500 Materialen Keatskamp +€ 140 Ferskate ûnderhâldskosten -€ 220
Federaasje	€ -25	
K.N.K.B.	€ -121	Minder ôfdracht
Totaal	€ -624	

Keatskamp nûmer 5 wie in wier FEESTJE!

Trije dagen binne foarby flein. We begongen mei rein en geandewei it kamp is it waar allinnich mar moaier wurden. Fansels hiene we leaver allinnich mar moai waar hân, mar it hie ek in foardiel: we koene foar it earst de sporthal ris yn om te trainen. Dit gong hartstikke moai. Dûke op de dikke matte, teambuilding en spultsjes yn de klaaikeamers en we seagen sels in fideo-analyse foarby kommen.



Gelokkich koe de rest allegear bûten. Rekreaasje mei hiele kreative oplossings om allegear de fuotten fan de grûn te krijen en om mei in beskút yn de mûle te fluitsjen. Mar ek bûten traine om better te wurden en alle tips en tops fan de trainers op te slurpen.

in moaie ploech hiene we, mei foar it earst ek bern út Reahûs en Wiuwert. Se rûnen der tusken as wie it nea oars west! Ek de lieders soargen mei syn allen foar in goed smarde masjine. Machtich dat in soad bern foarhinne dielnimmers wiene en no yn de lieding harren stientsje by droegen. We binne as kommisje dan ek grutsk op alle bern en helpende hannen dy't by dizze dagen belutsen west binne, tige tank!

Dei 1: Moandei 30-04-2018

Alwer it fiifde keatskamp mei dizze kear it tema FEEST! Earst lâns de kontrôle en safolle mooglik konfetty meitsje mei in perforator. Dêrmei koene de earste bonuspunten fertsjinne wurde, net ûnbelangryk fansels. Nei de kontrôle op nei de sliepromtes om alles te plak te lizzen: (lekkere) luchtbedden, (ferjitten) kessens en úteinlik alle tassen en ek it snobbers-guod krigen in plak.

Rap de keatsspullen by elkoar pakke en op nei it iepenings-spultsje: ballon traapje! Elk hie in ballon oan 'e foet en dan de oare ballonnen besykje stikken te meitsjen. Sels Rikkert de Kikkert die mei! Trainer Martzen wist úteinlik Redmer yn de finale te ferslaan. Hjirtroch mochten de welpen famkes as earste it pakket mei de fel giele keatskampshirts útpakke.


Wat binne se prachtich!

Tiid om te trainen. Net mei al te moai waar, mar we binne net fan sûker. in soad keatsaksjes, smoarge sokken en wiet hier.

Tiid om efkes te skûljen mei in potsje bingo. Moaie prizen wiene der en sels in falske bingo fan Jan Schurer (ferske sjonge!).

Nei de broadsjes knok en de brânoefening stie dêr op iens in "Mystery Guest" efter wite doeken op it poadium. De bern mochten riede wa't dizze mysterieuze grutte keatser wie. Úteinlik stie Hans efter it doek. Hans wa.....? Hans Kooistra is dat dan sa'n grutte keatser?

Moah... gelokkich siet Hans Wassenaar efter de bar ferstoppe. Hy hat in presintaasje jûn oer syn prestaasjes en keats-karriêre. De bern wiene der stil fan (ja ja!). Hiel wat moaie fragen en hantekeningen kamen foarby.



"Libjend bingo" spylje stie jûns op it programma. Der wiene nûmers dêr't opdrachten oan keppel wiene: pluk tsien gerssprysjes, jou Hans in krûp en sa mar fierder. in keekje fersiere as tuskentrochje (it is ommers feest!) en as lêste koe elk noch efkes chille, ek wol efkes lekker. Op nei dei twa!

Dei 2: Tiisdei 01-05-2018

De skoaljeugd hie justerjûn in spannende reflektortocht troch it doarp. ûnderweis ha we harren ferskate kearen skrikke litten en it gegil dêrtroch, wie oan de oare kant fan it doarp te hearren!

Tiisdeitemoarn begjint mei in moarnsbrochje, korvee fansels en dûnsje op swingende ferskes. it waar wie wat minder, dus foar it earst yn al dy jierren fan it kamp, de seal yn om te trainen. Neist de series op en út is der wurke oan taktyk, teambuilding en by guon sels fideo analyzes. As dat net goed komt!? HEA fan Omrop Fryslân hat alles moai fêst lein. Gelokkich wie it waar nei de lunch better en sa koe de rekreasje yn it doarp troch gear. Opdrachten per groepke om punten binnen te heljen. Sa hie it groepke fan Durk, 36 (!) eigen kleanstikken oan elkoar knope en kreatyf alle fuotten fan de grûn. Yntusken moasten se wol út sjen foar de "Party Crashers", oars moasten se ferplicht de limbo dûnsje. En dat kostet ûnnedich tiid.

De kommende training koe gelokkich wer op it fjild. Yn it sintsje mei wat wyn en in springkessen foar de kear oefeningen, ha de bern harren lêste enerzjy der út keatst. René kaam ek noch efkes lâns mei syn drone en de fotoresultaten binne prachtich wurden.

Goed makaroany ite (klear makke troch Fetsje Terpstra!) om klear te wêzen foar de bûnte jûn. Us presintatoren Sjoerd

A. en Brecht ha de jûn kreas oan elkoar praten. Der wiene kwissen, relaasjetesten, dûnskes mei sliepsekken en der wie sels in konfettyknaller mei brocht! De jûn koe net sûnder in feestlike disko mei mear dan 300 ballonnen(!). De bern wiene slûch en joegen harren rap del.

Dei 3: Woansdei 02-05-2018

De moarn begûn mei in ferrassings kessengefjocht fan de bern. De lieding lei noch op bêd en is efkes lekker wekker makke. Dit oerfoel se wol wat, mar de lieding naam efkes letter goed revâns. Tiid foar it moarnsbrochje en dan rap opromje. Dit is serieuus beoardiele troch in geheime sjuery en is wûn troch de "Party Pupillen Famkes".

Foar de bern dy't klear wiene, wie der rekreasje. Op it sportterrein wiene allegear feestspullen ferstoppe. De "Konfetty Kabouters" hiene, tegearre mei Machtelt, alles as earste fûn, klasse! Noch mear aksje op it keatsfjild: de earste ronde wie in sirkwy. Elke trainer hie in ûnderdiel fan útslaan, opslaan of keare en alle bern koene noch in allemachtich soad bonuspunten fertsjinje. Dit koe noch krekt dat lêste setsje jaan rjochting de winst.

Skoff: pankoeken ite! De âlders ha wer geweldich harren bêst dien om te bakken, mar de bern ha ek harren bêst dien by it iten. Jumm...., dit smakke mar bêst! De twadde ronde wie in ûnderlinge wedstriid.

De ynset en it auto waskjen fan de "Party Pupillen Famkes" is beleane, want it hat krekt de trochslach jûn foar de winst. Sy gongen der fan troch mei de Keatskamp Bokaal en hiene wol 92 punten! As lêste gong elk nei de trainer ta foar in diploma en in prachtige jubileum handoek.

Wat wie it dit jier in feest, om grutsk op te wêzen!



Oant takom jier!

Marco, Marije, Sieta en imke

Wedstriidferslaggen

LEDEWEDSTRIDEN

27-04-2018: Keningsdeipartij – Oranje & Heitelân

De kop is der wer ôf... hjoed de tradisjonele earste ledewedstriid fan it seizoen: de Keningsdeipartij. Mei yn totaal 46 keats(t)ers op de list, 40 manlju en (mar...) 6 froulju, waard de earste bal om ûngefear 10.30 oere wer slein. Nei de wintersliep is it altyd wer efkes bikkelfen foar it stramme liif en de spieren. Mar elts koe sich wer hearlik útlibje op ús prachtige sportfjild mei in fantastyske gersmatte! Andries hie it der mar wer superstrak by lizzen, dat mei ek wolris sein wurde! Nei in moaie keatsdei mei prachtich waar, koene de prizen sa ferdield wurde:

A klasse manlju (poule fan 4 partoeren)

1e priis mei 21 foar-earsten: Doede Rients Okkema
Stefan v/d Weg

2e priis mei 18 foar-earsten: Dirk-Yde Sjaarda
Johannes Hazenberg

B klasse manlju (gewoane list)

1e priis: Jan Vellinga
Hendrik Sweering
Douwe Durk Reitsma

2e priis: Robert Sijbesma
Bauke Jan Plantinga

1e priis ferl.: Peter Stuiver
Wietze Vink

C klasse manlju (poule fan 4 partoeren)

1e priis mei 21 foar-earsten: Hendrik Okkema
Mebius de Boer
Jelle de Boer

2e priis mei 15 foar-earsten: Tom Couperus
Gep Bakker
ids Boersma

Froulju (poule fan 3 partoeren)

1e priis mei 14 foar-earsten: Sietske Okkema
Karin Sjaarda

Neidat de prizen rûn 16.30 oere útrikt wiene troch Dirk-Yde en Wilma, koe elts oan de neisit begjinne mei in stikje muzyk en in hapke en drankje. Tank oan stiper Oranje & Heitelân foar it beskikber stellen fan de prizen!

15-05-2018: Ledepartij jongerein

Op tiisdei 15 maaie wie de earste wedstriid foar de jongerein. Y.f.m. it skoalfoetbal wie it dizze kear op tiisdei, it waar wie prachtich, bytsje wyn, sinneskyn en de termometer tikke krekt net de 25 graden oan. De jeu de boulers wiene ek aktief op dizze middei, in gesellige drokte, mei hjir en dêr in pake of beppe dy't efkes kaam te sjen! Hast alle leden diene dizze middei mei, sadat der 39 bern oan 't keatsen wiene.

Kabouters

1e priis: Thymen Santema
Berber Sijbesma
Marrit v/d Wey





2e priis: Jildou Jellema
Fenne Sijbesma
Renate de Groot

Foar alle bern wie der in moaie medalje!

Welpen

1e priis: Sibrand Stremmer
Marijn de Groot

2e priis: Sander Velzen
Eelkje de Jong
Marin van Krimpen

Pupillen

1e priis: Jesper Paauw
Nyka Ottens

2e priis: Liset Sijbesma
Jorn Hiemstra
Tjitske Joustra

Skooljeugd + Jonges en Famkes

1e priis: Redmer Wiersma
Tiemens de Groot

2e priis: Nynke Paauw
Rutger Sijbesma
Senay Sixma

Alle stipers en frijwilligers, tige tank!

20-05-2018: Pearkekeatsen

Op pinkstersnein, ien fan de moaiste partijen fan it jier: pearkekeatsen! Under prachtige waarsomstannigheden begong om goed 12 oere de striid tusken de pearkes. Mei 24 partoeren wiene de pearkes ferdield oer 3 klassen: A, B en C. Yn alle klassen 8 partoeren op de list. Opfallend wie it oantal Feyenoord shirts, prachtich!



Yn de A klasse allinnich toppartoeren: fan 'jeugdige oanwask' oant 'good oldies' Robert en Wiepkje. De finale yn de ferliezersronde gong tusken Rémon Bouma/Aaltsje Kroes en Marten Faber/Marit Kuperus. Nei in spannende partij gong de 1e priis nei Marten en Marit, se wûnen mei 5-5:6-2. Robert Sijbesma en Wiepkje Hiemstra lieten sjen dat se prima mei dwaan koene tusken de jonkies: se wûnen harren 1e twa partijen en bedarren sa yn de finale tsjin Sjoerd Taeke Kooistra en Sietske Okkema. Ek sy wûnen de 1e en 2e omloup (mei mar 1 earst tsjin) en lieten yn de finale sjen dochts echt it top-partoer yn de A klasse te wêzen. Sa gongen Sjoerd Taeke en Sietske mei de krânsen nei hûs troch te winnen mei 5-0:6-6 en dêrmei in moaie 2e priis foar Robert en Wiepkje.

De 1e omloup yn de B klasse wie fuort al spannend: 3 partijen einigen yn 5-5. Dus de pearkes wiene behoarlik oan mekoar weage. Hans en Dieuwke Kooistra kamen yn de finale fan de ferliezersronde tsjinoer René Rijpma en imke van der Leest (debút op ledepartij) te stean. René en imke wûnen dizze striid mei 5-1:6-6.

Tjeerd en Mattie Dijkstra hiene de 1e omloup dreech keatst (5-5:6-6 winst op Abe-Jan Stegenga en Liesbeth Bootsma), nei ek winst yn de 2e omloup mochten sy it yn de finale opnimme tsjin Bote Jellema en Anouk van Berkum. De hage gong nei Tjeerd en Mattie; sy pakten de winst op 5-2:6-4.

De C klasse; betiden in drege keatsery en ferhitte hollen. Mar ek in protte wille! Tjerk Okkema en Tine Bouma wûnen de finale yn de ferliezersronde mei 5-5:6-2 fan Jelle en Neeltje de Boer. De finale gong tusken Tom Couperus/Talitha Dijkstra en Marco Rijpkema/Wilma Sjaarda. Tom en Talitha lieten sjen wat taktysk keatsen is en se stiene ek hieltyd op it goede plak. Tom wie oeral wêr't de tsjinstanners him net sjen woene. De fertsjinne winst gong dan ek nei Tom en Talitha, mei 5-3:6-4 wûnen se fan Marco en Wilma.

Rûn 18.00 oere rikten Dirk-Yde en Bauke de prizen út en wie it tiid om de fuotten omheech te dwaan, te bekommen en in lekker hapke en snapke te nimmen. Tank oan ús stipers! Sûnder jim kinne we net.



A klasse

- 1e priis: Sjoerd Taeke Kooistra en Sietske Okkema
 2e priis: Robert Sijbesma en Wiepkje Hiemstra
 1e priis ferl.: Marten Faber en Marit Kuperus

B Klasse

- 1e priis: Tjeerd en Mattie Dijkstra
 2e priis: Bote Jellema en Anouk van Berkum
 1e priis ferl.: René Rijjma en imke van der Leest

C klasse

- 1e priis: Tom Couperus en Talitha Dijkstra
 2e priis: Marco Rijpkema en Wilma Sjaarda
 1e priis ferl.: Tjerk Okkema en Tine Bouma

27-06-2018: Jeugdwedstriid

Woansdei 27 waard der wer in Iedepartij organisearre foar de jeugd fan 'e KF. It wie prachtich waar en der waard hjoed wer moai en sportyf keatst troch de oanwêzige bern. Yn eltse kategory koene wy poule keatse en by de kabouters waard dit sels dien mei seis partoeren. Dizze jongste kategory waard hjoed it bêst fertsjinwurdige mei mar leafst 12 fanatike kabouters!



Hjirûnder de priiswinners fan dizze dei.

Kabouters

De kabouters keatsten hjoed gruttendiels it 'echte' spultsje. De helte fan dizze kabouters wurdt takom jier welp en sa koene sy hjoed efkes sjen hoe't dat gean sil takom jier. Dit diene alle kabouters hartstikke goed, der waarden in soad keatsen slein! Oan de ein fan 'e middei gongen dizze bern mei de prizen nei hûs:

- 1e priis: Jildou Jellema en Femke Paauw
 2e priis: Bauke Jan Dijkstra en Steffen Schram
 3e priis: Berber Sijbesma en Pytrik Ynema

Welpen

De welpen keatsten hjoed yn in poule fan 4. Dit betsjut dat der trije kear keatst wurdt, en dêrnei bekend is wa't de winners binne. De lêste partij waard de finale, want der wiene twa partoeren dy't twa kear wûn hiene. Dit waard wûn mei 5-2:6-0 troch it ienige twatal op 'e list:

- 1e priis: Sander Velzen en Marin van Krimpen
 2e priis: Brecht Stegenga, Eelkje de Jong en Jerryd Schram





Pupillen

De pupillen keatsten hjoed ek yn in poule fan 4. Lyk as by de welpen wiene hjir op' e tredde list ek twa partoeren dy't beide twa partijen wûn hiene. Yn' e striid om 'e krânsen waard de lêste partij beslist op in stân fan 5-3:6-4 en gong de oerwinning hjoed nei:

1e priis: Liset Sijbesma en Ridzert Veldman

2e priis: Jorn Hiemstra en Nyka Ottens

Skooljeugd & jonges/famkes

De skooljeugd/jeugd liet hjoed 'op en út' moai keatsen sjen. Net allinnich it keatsen stie hjir sintraal, mar der wiene ek bern dy't eins in medalje fertsjinje moasten omdat se sa sportyf en posityf mei harren maten omgongen. Oan de ein fan' e keatsdei waard op in stân fan 5-3:6-6 besluten hoe't de prizen ferdielt waarden.

1e priis: Arjen Stremmer en Tiemen de Groot

2e priis: Bauke Reijnhoudt en Benthe Ottens

08-07-2018: Ledepartij senioaren

Snein 8 july, in 'gewoane' ledepartij, mar sawol de manlju as de froulju keatse hjoed yn ien klasse! 6 Partoeren fan 3 manlju/froulju stiene op de list. Mei in lytse oanpassing yn 'e regels, de manlju mochten de opslach fan de froulju net yn 1 kear boppe slaan, is der hjoed hartstikke leuk keatst. Gâns partoeren wiene oan elkoar weage. Bote Jellema,



Sieta Tessemaker en Jan-Bouke Bouma kamen hjoed as winners út de bus. Sy wûnen alle 3 partijen. De twadde priis (mei mar 1 earst ferskil mei de nr. 3) wie foar Peter Stuver, Tjerk Okkema en Petra Jellema.

14-07-2018: Ledepartij Jongerein

Op sneon 14 july wie der wer in wedstriid foar de jongerein. it waar wie wer prachtich, bytsje wyn en sinneskyn! Tige spannende partijen, 5 earsten gelyk/6 gelyk en dan yn 't tuskenspul de bal wer yn it perk slaan... by de kabouters noch wol, prachtich!!! We moasten by alle kategoryen de earsten telle, it lei ticht by elkoar... Der wiene 39 bern oan't keatsen, we sjogge werom op in tige slagge dei!

Kabouters:

1e priis: Femke Paauw
Steffen Schram

2e priis: Fenne Sijbesma
Tryntsje de Jong

Welpen:

1e priis: Sibrand Stremmer
Eelkje de Jong
Jerryd Schram

2e priis: Brecht Stegenga
Marijn de Groot



Pupillen:

1e priis: Liset Sijbesma
Nyka Ottens

2e priis: Jorn Hiemstra
Fianne Dijkstra
Anke Blanksma

Skooljeugd + jonges en famkes:

1e priis: Redmer Wiersma
Thijs Janssen

2e priis: Siebo Boersma
Judith v/d Weerd

Alle stipers en frijwilligers, tige tank!

24-08-2018: Nachtkeatsen jongerein

Freed 24 augustus waard it jierlikse nachtkeatsen organisearre foar de jeugd. Oan it begjin fan 'e wike like it moai waar te wurden, mar op 'e dei sels wiene de foarsizzings dochts wat wikseljend. De dei begûn mei patat, frikandellen en limonade foar eltsenien. Doe't hast alle bern en frijwilligers op it fjild stiene om los te gean, soargen de hagelstiennen derfoar dat we efkes skûlje moasten. Nei de earste oloop waarden de winners fan de kompetysje fan 2017 nochris yn it sintsje setten omdat sy de wikselpriis wer ynleverje moasten. Dêrnei waard bekend makke wa't dit jier mei de wikselpriis nei hûs gean soene. Nei de prizen fan 'e kompetysje moasten der noch twa omlopen keatst wurde. Sjoen it waar moasten we der aardich tempo ynhâlde. Lokkich wiene (hast) alle partijen út foar it ûnwaar by ús wie en koene alle prizen fan it nachtkeatsen ek ferdiel wurde. Hjirûnder alle priiswinners.

Kabouters

De striid om de prizen wie by de kabouters tige spannend en dat wie oan 'e punten ek wol te sjen. Hast eltse kabouter hie wol in omloup wûn en oars wol fiif earsten oan 'e tillegraaf.



By de A-maten wiene de ferskillen lyts, sy hiene 19, 18, 16 of 15 earsten foar. By de B-maten wie der ien kabouter dy't alle partijen wûn hie. De striid om it twadde plakje wie hjir sa spannend, dat der twa kabouters mei in twadde priis nei hûs gongen.

1e priis: Fenne Sijbesma, Berber Sijbesma
2e priis: Thyman Santema, Tryntsje de Jong,
Steffen Schram

Welpen

By de welpen wiene der hjoed in A- en B-maat dy't beide trije partijen wûn hiene en it wie dúdlik dat sy mei de krânsen nei hûs gean soene. De nûmer twa slagge it hjoed om twa partijen te winnen en dêrnei in moaie twadde priis mei nei hûs te nimmen.

1e priis: Sibbrand Stremmer, Marin van Krimpen
2e priis: Brecht Stegenga, Jerryd Schram

Pupillen

By de pupillen gong de striid hjoed tusken 6 fanatike keatsers. Mei in bytsje kreatyf tinken wie it dochts mooglik dat de pupillen ek yn trije listen keatse koene yn ferskillende partoeren. Spitigernôch koene sy de lêste partij krekt net út keatse foar it ûnwaar. Lokkich wiene se fier genôch hinne om dochts de prizen útrikke te kinnen en hiene de lêste earsten gjin ynfloed mear hân op 'e einstân.

1e priis: Liset Sijbesma, Theunis Ynema
2e priis: Jorn Hiemstra

08-09-2018: Nachtkeatsen senioaren

in primeur fannejûn yn Easterein, mar miskien ek wol yn Fryslân, keatse op keunstgers. Soe de bal krekt sa stuitsje as op écht gers? En soe it fallen ek searder dwaan? It is allegear wiidweidich testen fannejûn/fannacht troch de keats(t)ers. Oan de gelûden te hearren kin it wol wer ris, elts wie posityf!

Mei 22 dielnimmers op de list koe de earste bal om goed 21 oere slein wurde. Manlju en froulju troch mekoar yn 2- en 3 tallen en sa as gebrûklik mei nachtkeatsen, 3 ferskillende listen.

Peter Stuiver wie de ienige dy't fannejûn alle wedstriden wûn, hy wûn dêrmei de krânse as A-maat. Spannend wie it noch tusken Hendrik Sweering en Bote Jellema, beide like folle foar- en tsjinearsten. Nei telling fan de lêste earsten die bliken dat de 2e priis foar Hendrik wie en de 3e foar Bote.

By de B-maten lei it ek ticht by mekoar mar Jorrit koe oan de ein fan de jûn mei de krânse nei hûs. Arjen Hallema en Jan Bouke Bouma waarden resp. 2e en 3e.

Omdat der by de jeugdslotwedstriid net genôch dielname wie by de skoaljeugd en jonges/famkes, mochten sy fannejûn ek mei dwaan. Dit leverde Arjen Stremmer in moaie 2e priis op as C-maat. De wedstriid wie ek iepensteld foar net-leden, hjirtroch koe Jesse Eringa mei de hage nei hûs as beste C-maat. Jeen Houtsma (âld-Eastereiner) kaam krekt in punt te koart foar in priis. Moai om dizze jonges op it fjild te sjen.

Krekt foar 2 oere waarden de prizen útrikt troch Wiepkje en Wilma en koe elts noch efkes neisitte ûnder it genot fan in hapke en drankje.

Tige tank oan de stipers fan KF Easterein foar it mei mooglik meitsjen fan de altyd gesellige nachtkeatsery! Ek tank oan SDS en de Skoalleseize foar it beskikber stellen fan it keunstgersfjild.



A maat:

1e priis:	Peter Stuiver	21 foar - 11 tsjin
2e priis:	Hendrik Sweering	18 foar - 10 tsjin
3e priis:	Bote Jellema	18 foar - 10 tsjin

B maat:

1e priis:	Jorrit Veldman	18 foar -10 tsjin
2e priis:	Arjen Hallema	17 foar - 9 tsjin
3e priis:	Jan Bouke Bouma	17 foar -13 tsjin

C maat:

1e priis:	Jesse Eringa	17 foar -11 tsjin
2e priis:	Arjen Stremmer	16 foar - 9 tsjin

16-09-2018: Slotwedstriid

Op 16 septimber hiene wy de lêste ledewedstriid fan it seizoen. Sûnt foarrich jier ha wy dit oars ynklaaid. We meitsje der in feestlike dei fan mei stroaiprizen, springkessen, barbecue en in ferlotting. Ek huldigje wy drekt alle priiswinners fan it ôfrûne seizoen, dit binne de kompetysjepriizen, keatser fan it jier en de eventuele bysûndere priiswinners. Op dizze sinnige snein wie ek de drok besette 'kipjetjepartij' yn Winsum en it bestjoer hat noch oerweage om it te fersetten. Mar septimber sit fol mei feestjes en útwike wie eins gjin mooglikheid. Nettsjinsteande dat, wie der in protte opjefte. Sels mear as foarrich jier, dus hulde oan jim sels! Stiper 'Faber Grafmonumenten' hat oanjûn helpe te wollen hjir foar al ús leden in grutte dei fan te meitsjen. Sy ha ekstra jild beskikber steld foar hiele lúkse krânsen, sadat de partij noch mear útstrieling krijt. En dat is slagge, wat wiene se moai! Tank dêr foar.

De dei begûn om 11.00 oere mei in keatspartij, 3 kear in oare list en manlju en froulju troch elkoar. Wat wie it spannend by de puntetelling! Oant 2 kear ta moast de wedstriidlieding de punten fan de lêste earsten brûke om ta in priisferdieling te kommen. Sawol yn de A- as yn de B-klasse hiene de earste 3 priiswinners alles wûn. Oanslutend it keatsen wie de útrikking fan de stroaiprizen, de priisútrikking en it útdielen fan de kom-petysjepriizen.

Doe koene we oer gean nei de huldigingen. Us junioaren jonges hiene de 3e priis wûn op de Jong-Feintepartij en de fammen wûnen op de Ald-Meierspartij ek de 3e priis. Corrie Kroondijk hie de 1e priis by it wall-ball ûnder de 17 jier pakt en boppedat ek nochris it puntklassemint by de famkes wûn.

Geandewei de dei koe eltse besiker in stim útbringe foar de keatser fan it jier. Foarhinne lei dizze kar by it bestjoer, mar dêr woene wy fan ôf. De leden meie no kieze en foarrich jier foel dat, nei in spannende striid, yn it foardiel fan Selma de Boer. Ek dit jier wie it oan't it lêste stemmingsbriefke ta spannend... Eintsjebeslút is Corrie Kroondijk keatser fan it jier 2018 wurden.



Winners keatspartij:

1e priis: Anco Elgersma, Marije Schurer en Klaske Plantinga
 2e priis: Jan Schurer, Abe Jan Stegenga en Meile Kuiper
 3e priis: Peter Stuiver, Marit Kuperus en Dieuwke Kooistra
 4e priis: Bote Jellema en Roelie Kroondijk

Kompetysje oantfinkens 2017:

Manlju: Christian Hoekstra, Tymen Dijkstra en Simon Kingma
 Froulju: Petra Jellema, Eefje Hiemstra en Klaske Plantinga

Kompetysje winners 2018:

Manlju: Bauke Jan Plantinga, Jan Vellinga en Tymen Dijkstra
 Froulju: Jitske Plantinga, Wilma Sjaarda en Mattie Dijkstra

Bysûndere priiswinners:

3e priis Jong-Feintepartij:

Bote Jellema, Doede Riets Okkema,
 Rémon Tie Bouma en coach Gert Jan Hiemstra

3e priis Ald-Meierspartij:

Alien Dijkstra, Corrie Kroondijk, Nynke Paauw
 en coach Eddy de Boer

1e priis Wall-ball ûnder de 17 jier

en winner puntklassemint famkes: Corrie Kroondijk

Oantfinken keatser fan jier 2017: Selma de Boer

Keatser fan jier 2018: Corrie Kroondijk

No wiene echt alle prizen útrikt en koe de barbecue oan. It wie in gesellige neisit mei smaaklik iten en drinken en tusken-troch noch in ferlotting, sa waard de dei moai ôfsluten. Eltsenien tige tank foar dizze prachtige dei!

16-12-2018: Sealkeatsen

Tradisjoneel ús lêste aktiviteit fan it jier, de sealkeatspartij. We hiene in moaie groep fan 18 dielnimmers, ferdielt oer 3 klassen. Hjirûnder steane de priiswinners.

A-klasse

1e priis: Erwin de Boer (21 foar - 6 tsjin)
 2e priis: Rémon Tie Bouma (18 foar - 13 tsjin)
 3e priis: Ype Tiemersma (16 foar - 14 tsjin)

B-klasse

1e priis: Abe-Jan Stegenga (21 foar - 7 tsjin)
 2e priis: Tjerk Okkema (16 foar - 10 tsjin)
 3e priis: Tineke Dijkstra (15 foar - 16 tsjin)

C-klasse

1e priis: Tom Couperus (21 foar - 11 tsjin)
 2e priis: Geert Dijkstra (16 foar - 8 tsjin)
 3e priis: Jacqueline Buma (15 foar - 16 tsjin)

Nochris lokwinske allegearre!



WEDSTRIDEN FEDERAASJE

01-06-2018: Federaasje Jeugd ôfdieling

Freed 1 juny 2018 keatste de jeugd fan federaasje Snits en omkriten in ôfdielingspartij yn Easterein. Der waarden 7 listen ferkeatst troch te keatsen yn ferskillende poules. Gelokkich koene al dizze listen hielendal ferkeatst wurde en kamen de foarsizzings fan buieradar net út. We ha oan de ein in pear drippen rein hân, mar oer it algemien ha wy it troffen mei it waar. De jeugd wie tidens it keatsen tige entûsjast. in baltsje oer de boppe of in sitbal yn it perk, dat mocht eltsenien wol efkes hearre. Yn alle kategoryen wiene de bern tige fanatyk, mar ek posityf en earlik.

Ta beslút wiene der fansels ek in oantal priiswinners. Der wie ek in priis by foar ien fan ús Eastereiner partoeren.

Welpenjonges en – famkes

Trochdat der mar twa famkes partoeren oanmeld wiene, moasten sy hjoed mei de jonges mei keatse. Dit ha de froulju hartstikke bêst dien, mar dochs gongen de mannen der mei de prizen fan troch.

- 1e priis: Lieuwe van der Kamp en Laas van Daltsen
(KF Yn' e Lijte - Folsgeare)
- 2e priis: Frans Oosterbaan en Ruurd Oosterbaan
(KF De Lytse Stuit - Skearnegoutum)
- 3e priis: Tsjoard Witteveen en Wiebren Tamminga
(KF Reahûs-Turns)

Pupillen jonges en pupillen famkes

Beide kategoryen keatsten yn poules fan fjouwer. By de jonges gong it eintsjebeslút tusken twa partoeren dy't mei de krânse nei hûs gean koene. Nei twa partijen hiene beide priiswinners twa wedstriden wûn en soe de lêste partij beslisse wa't hjoed winne soe.

- 1e priis: Niek de Jager, Siebolt Hofman en Johannes de Boer
(KF De Boppeslach - de Hommerts)
- 2e priis: Lucas Gaastra en Thijs Lanting
(KF De Lytse Stuit - Skearnegoutum)



By de famkes wie KF De Lege Geaen bêst fertsjinwurdige, want der kamen wol trije fan de fjouwer partoeren út Goënga en dêr mochten ús Eastereiner froulju it tsjin op nimme. Al gau waard hjoed dúdlik wa't mei de krânse nei hûs gean soe. De striid om it twadde plak wie oant it lêst ta tige spannend en waard pas beslist doe't de lêste bal slein wie.

- 1e priis: ilse Baanstra en Elbrich Kooistra
(KF De Lege Geaen - Goënga)
- 2e priis: Liset Sijbesma, Fianne Dijkstra en Brecht Stegenga
(KF Easterein)

Skoaljonges en skoalfamkes

Ek dizze beide kategoryen keatsten yn in poulesysteem. By de skoaljonges wie dit in nije foarm, wêrby fiif partoeren yn ien poule keatse. Elts partoer keatst twa kear en wa't hjirfan de measte earsten pakke, keatse de finale.

- 1e priis: Folkert Wierda en Johan Cnossen
(KF De Lege Geaen - Goënga)
- 2e priis: Tjerk Andringa, Ate Schaap en Durk Bootsma
(KF Reahûs-Turns)

By de froulju waard keatst yn in poule fan trije. Alle partoeren hiene ien wedstriid wûn en twa hjirfan mei 5-5:6-6. Hjirtroch moast nei de tsjinearsten sjoen wurde en sa wûn it partoer mei mar seis tsjinearsten.

- 1e priis: Sjoukje Gerbrandy en Moniek Lootsma
(KF De Lege Geaen - Goënga)
- 2e priis: Brecht Tamminga, Amarins Gerbrandy
en inez de Jong (KF Reahûs-Turns)

Jonges en famkes

Lyk as by de skoaljeugd, keatsten de famkes hjir ek yn in poule fan trije en de jonges yn in poule fan fiif. Wat al oars wie, is dat hjir ek froulju tusken de manlju keatsten. Yn 'e jonges poule keatste it frouljus partoer fan KF Easterein en iris Oosterbaan fan Skearnegoutum. Dizze froulju ha harren bêst fermakke tusken de manlju en hoegden ek net foar de jonges ûnder te dwaan.

- 1e priis: Aizo Veltman, Bert Veltman en Jitze Floris
(KF De Boppeslach - de Hommerts)
- 2e priis: iris Oosterbaan en Klaas Jan Oosterbaan
(KF De Lytse Stuit - Skearnegoutum)

By de famkes wie de earste omloop tige spannend en kaam der fiif gelyk oan 'e tillegraaf. Dizze partij, sa die letter bliken, wie letter dizze dei trochslachjouwend foar wa't mei de krânse nei hûs gean soene.

- 1e priis: Laura Dozeman, Irma Jaarsma en Annemare Wempe
(KF De Boppeslach - de Hommerts)

10-06-2018: Leanbedriuw Okkema partij

Snein 10 juny wie it wer safier, de (sa die letter op de dei bliken) 35e Okkema partij. Mei 22 partoeren op de list waard der keatst yn 3 klassen. It waard wie lekker, wat bewolkt en in lekkere temperatuer en letter de sinne der ek noch wol by.

De stiper fan dizze partij, Leanbedriuw Okkema hie ferskate artikels beskikber steld as strui prizen. Foar boppeslaggen, sitballen, kweaballen en mei somtiden ek noch in koprol of in knuffel mei ien fan de Okkema's, wiene der tassen, shirts en ûnderbroeken te winnen.

Oan de ein fan dizze gesellige dei binne ûndersteande priis-winners út de bus kommen.

Manlju A-Klasse:

- 1e priis: Bouke Poelsma, Sjoerd Teake Kooistra en Sybren Poelsma
- 2e priis: Dirk-Yde Sjaarda, Pytrik Hiemstra en Robert Sybesma

Froulju:

- 1e priis: Cilia Witteveen, Renske Galema - TvS en Sietske Poelsma
- 2e priis: Krista Dotinga, Aaltsje Kroes en Iris Jonker
- 1e ferl.: Sietske Okkema, Tryntsje Bouma en Rianne Reijenga

Manlju B-klasse:

- 1e priis: René Velzen, Watze Zeinstra en Marco Hoekstra
- 2e priis: Ingrid de Boer, Wietse Hofstee en Wybe de Boer
- 3e priis: Jan Peter Bootsma, Bertus Bootsma en Egbert Bootsma

- 1e ferl.: Jan Flapper, Kees Sandstra en Bouke Fopma
- 2e ferl.: Sipke Hiemstra, Tjeerd Dijkstra en Tymen Dijkstra

Nei de priisúttrikking waard der op it terras en yn de kantine fan de Skoalleseize noch efkes gesellig neisitten. Troch de frijwilligers fan de Skoalleseize waarden de minsken hjir foarsoen fan in hapke en in drankje.

We wolle lâns dizze wei leanbedriuw Okkema tige tank sizze foar de stipe fan dizze partij en we hoopje dat jim sels noch jierrenlang, mei meardere generaasjes, mei dwaan sille.

WEDSTRIDEN KNKB

06-05-2018: Froulju haadklasse en 1e klasse

Op dizze sinnige snein mochten wy sawol de froulju haadklasse as de froulju 1e klasse f.f. ûntfange. Under belangstelling fan in protte leafhawwers is der fûleindich keatst om de earste sykluspunten binnen te slepen. By de haadklasse wiene der 8 partoeren en by de 1e klasse wiene der 13 partoeren mei in ferliezersronde.





Yn de haadklasse kamen de partoeren 4: ilse Tuinenga, Sjanet Wijnia en Manon Scheepstra en 5: Tineke Dijkstra, Sandra Hofstra en Louise Krol elkoar yn de finale tsjin. ilse Tuinenga c.s. hiene de 1e omloop wûn mei 2-5:4-6 en de 2e omloop mei 2-5:2-6. Tineke Dijkstra c.s. hiene de 1e omloop wûn mei 5-4:6-0 en de 2e omloop mei 5-1:6-2. Yn de finale wiene ilse Tuinenga c.s. krekt in maatsje te grut. Sy wûnen mei 5-1:6-2 en krigen dêrmei de krânse om 'e nekke. Om de 3e priis keatsten de partoeren 2: Anna-Brecht Bruinsma, Anouk Tolsma en Kim Dijkstra en 8: Marije v/d Meer, Klasina Huistra en Annelien Broersma. Mei 3-5:6-6 wûnen Marije v/d Meer c.s. úteinlik de 3e priis.

By de 1e klasse troffen de partoeren 9: Jildou Sweering, Martine Tiemersma en Jennie Terpstra en 13: Akkelyna de Haan, Corina de Vries en Hendrieke v/d Schoot elkoar yn de winnersfinale. Mei 5-4:6-6 wûnen Jildou Sweering c.s. ek foar harren de hage. De 3e priis wie foar de partoeren 12: Annet de Haan, Jeska Terpstra en Selma v/d Molen en 4: Jeanette Jansma, Sigrid de Jong en Marije Hellinga. Partoer 9 wûn de heale finale fan partoer 4 mei 2-5:2-6. Partoer 13 wûn de heale finale fan partoer 12 mei 1-5:4-6. Yn de ferliezersronde keatsten partoeren 5: Nicole Hempenius, Anke Winkel en Rianne Melissa Hiemstra en 11: Sjoukje Stuiver, Anneke Smid en Hester Bruinsma de finale. Nicole Hempenius c.s. wûnen dit mei 1-5:6-6.

Wy sjogge werom op in prachtige keatsdei en lokwinskje alle priiswinners. Ek betankje wy alle stipers en vrijwilligers dy't der hjoed foar soarge ha dat it in tige slagge dei wie.

27-05-2018: KNKB Skoaljonges ôfdieling + opstap t.i.l.

Under simmerske waarsomstannigheden hiene we hjoed de skoaljonges op besite yn Easterein. Om 11 oere wie it earst

de beurt oan de 23 ôfdielingspartoeren om in plak yn de 2e omloop te bemachtigjen. Foar de ferliezers wie der de mooglikheid om yn de opstapronde oan te sluten. Uteins hiene we nei de 1e omloop ôfdieling noch 13 twatallen oer yn de opstap t.i.l.

By de ôfdielingspartoeren hie Bitgum (Thom Dijkstra, Sjouke Beimers en Leon Wijning) in steand nûmer yn de heale finale. Niawier-Metslawier-Easternijtsjerk (Jan Bandstra en Jelmer Torensma) en Dronryp (Jorrit Nanninga, Rutger Kumbangsila en Rick Minnesma) makken der in wiere striid fan yn de heale finale, Dronryp wûn úteinlik mei 5-4:6-6. Hjirmei in 3e priis foar Niawier-Metslawier-Easternijtsjerk en in plak yn de finale foar Dronryp. Nei in lange mar moaie keatsdei wie de finale in proai foar Dronryp, sy wûnen mei 5-3:6-0.

De 1e heale finale yn de opstap gong tusken Menno Johnson/Matthijs Renema en Hylke Talsma/Jildert Wijbenga. Hylke en Jildert wûnen mei 5-3:6-4. Jan Johannes van der Kamp en Pieter den Breejen stiene yn de oare heale finale tsjinoer Jan Tymen Eisma en Wesley van der Vaart. Nei winst mei 5-4:6-2, behellen Jan Tymen en Wesley it oare plak yn de finale. Sjoen de sifers 5-2:6-0, wiene Jan Tymen en Wesley yn de finale krekt in maatsje te grut foar Hylke en Jildert.

Priiswinners ôfdieling

1e priis: Dronryp: Jorrit Nanninga, Rutger Kumbangsila, Rick Minnesma

2e priis: Bitgum: Thom Dijkstra, Sjouke Beimers, Leon Wijning

3e priis: Niawier-Metslawier-Easternijtsjerk: Jan Bandstra, Jelmer Torensma



Priiswinners opstap t.i.l.

- 1e priis: Jan Tymen Eisma (Frjentsjer)
Wesley van der Vaart (Minnertsgea)
- 2e priis: Hylke Talsma (Achlum)
Jildert Wijbenga (Arum)
- 3e priis: Jan Johannes van der Kamp (Nijlân)
Pieter den Breejen (Arum)
- 3e priis: Menno Johnson (Harns)
Matthijs Renema (de Hommerts)

Alle priiswinners Lokwinske! Grutte tank oan ús frijwilligers en de âlders foar it karmasterjen!

26-08-2018: KNKB Famkes pupillen

Mei in prachtich wolketek oer Easterein en mei de sinne der sa no en dan tuskentroch, koene de pupillen famkes ûnder goeie omstannichheden hjoed harren partijen keatse. De famkes ha moai keatst, kleie net, steane nei it omroppen wer fluch op it fjild en binne fleurich en entûsjast. Gean foaral sa troch! Hâld wille yn it spultsje, dan hoopje wy jim oer sa'n 10 jier yn Weidum op it fjild te sjen...

Dit binne de winners fan dizze dei.

A klasse

- 1e priis: Elske van Straten en Sophie Kroondijk
2e priis: Jelly Hiemstra en Lisanne Scharringa

B klasse

- 1e priis: Lenthe Groen en Brecht Renema
2e priis: Emma Kumbangsila en Fenna Hoekstra
3e priis: ineke de Vries en Rianna Poelstra

Ferliezersronde

- 1e priis: Martsen v/d Goot en Hester Torensma
2e priis: Nina-Claire Wijning en Willianke Sipma

We betankje alle frijwilligers fan hjoed, yn hokker funksje dan ek, de âlders, ús stipersgroep en haadstiper Couperus Hydrauliek. Oant de oare kear!

BYSÛNDERE AKTIVITEITEN

11 o/m 22 Juny 2018: Iepen Frysk Kampioenskip

Jeu de Pelote – Easterlittens

Yn Easterlittens wurdt it iFK Jeu de Pelote holden op de moaiste baan fan Fryslân. Easterein hie foarrich jier in 3e priis wûn en wie dêrmei pleatst foar de kwartfinales. Elts jier is it wer in striid, omdat de finales fan it twa wiken duorjende evenemint, tagelyk binne mei ús doarpsfeesten. Dit jier hoegden Dirk-Yde Sjaarda, Johannes Hazenberg, Robert Sijbesma, Jan Schurer en Marten Faber harren dêr net drok om te meitsjen. Sy ferlearen spitigernôch mei 7-4 fan Winsum. De finale gong tusken Ljouwert en Frjentsjer, Ljouwert hat dit wûn. Der wie in 3e priis foar Makkum en foar Easterlittens.

03-06-2018: Alder/bernpartij

Snein 3 juny wie it in gesellige en sportive middei, mei in hapke en in snapke! Hearlik waar, in bytsje bewolkt en sa no en dan kaam de sinne der troch!

Foar guon âlders wie it de earste kear op it keatsfjild, mar de bern joegen goede oanwizings. 16 Alders/omkes/buorjonge/sus en 16 bern diene mei yn trije kategoryen en elk partoer moast trije kear in heal oere keatse, it gong hjoed net om prizen. It wie wer in tige slagge keatsmiddei!

01-07-2018: Keatsbattle KF Easterein – KF Wommels

Under simmerske omstannichheden waard hjoed foar it earst de Battle tusken KF Easterein en KF Wommels holden. Wommels kaam striidlustich oan yn Easterein; mei syn allen op de fyts yn de ôfdielingsklean en in auto mei lûdsprekkers foarop. It gong fuort oan, elts stie gelyk op skerp!

Nei it iepeningswurd fan foarsitter Dirk-Yde waard goed 12 oere de earste bal slein. Mei 6 froulju út sawol Easterein as Wommels koene se moai yn 1 poule keatse.

By de manlju 12 partoeren, 5 (2-tallen) út Easterein en 7 (trije 2-tallen en fjouwer 3-tallen) út Wommels. Dizze partoeren waarden ferdielt oer 2 poules en der waard keatst neffens it Snitser systeem. Fansels wiene de krânsen belangryk hjoed,



mar noch folle wichtiger wie de fel begerde bokaal! Hokker doarp soe dizze mei nei hûs nimme? De partoeren koene punten fertsjinje as it in wedstriid wie tusken in Eastereiner en in Wommelser partoer (foar -en tsjinearsten waarden teld).

De Eastereiner froulju wiene in maatsje te grut foar de Wommelser froulju, se wûnen beide harren partij tsjin Wommels. Dus in protte punten fertsjinne foar de Battle troch Easterein. Mar de striid om de krânsen moast noch wol beslikke wurde. Dit waard in proai foar Sieta Tessemaker, Gerbrig Reitsma en Jitske Plantinga. Sy wûnen de lêste wedstriid yn de poule fan Jitske Veldman, Wiepkje Hiemstra en Karin Sjaarda mei 5-3:6-4.

Yn poule A by de manlju wiene Dirk-Yde Sjaarda en Wietse Vink de winners; sy wûnen alle 3 wedstriden. Yn poule B wiene der 2 partoeren dy't alle 3 wedstriden wûn hiene: Peter Stuiver/Bauke Jan Plantinga en Wiebe Heeres/Luitzen Schaafsma. Omdat Wiebe en Luitzen de minste tsjinearsten hiene moasten sy yn de finale oantrede tsjin Dirk-Yde en Wietse. Mei 5-2:6-4 gongen de krânsen nei Dirk-Yde en Wietse. 3e Prizen wiene der noch foar de nûmers 2 fan beide poules: Danny Roos/Marco Rijpkema en Peter Stuiver/Bauke Jan Plantinga.

En dan noch de hamfraach wa't de fel begerde wikselbeker meinimme mocht! it die bliken dat de Eastereiner keats(t)ers dit dik wûn hiene. Mei mar leafst 117 foarearsten tsjinoer 72 foarearsten foar KF Wommels liet dit neat oan de ferbylding oer! De grutte beker bliuwt yn Easterein en sil in moai plakje krije yn ús prizekast. Takom jier kin Wommels revâns helje, dan gean we nei harren ta. Alle priiswinners fan herte lokwinske! it wie in moaie slagge dei!

Froulju

1e priis: Sieta Tessemaker, Gerbrig Reitsma en Jitske Plantinga

2e priis: Jitske Veldman, Wiepkje Hiemstra en Karin Sjaarda

Manlju

1e priis: Dirk-Yde Sjaarda en Wietse Vink

2e priis: Wiebe Heeres en Luitzen Schaafsma

3e priis: Danny Roos en Marco Rijpkema

3e priis: Peter Stuiver en Bauke Jan Plantinga

02-09-2018: Stipersdei

Snein waard wer de jierlikse stiperspartij keatst. Alle stipers wurde útnoege om dat wat se stypje, ek ris sels te dwaan. Fansels ha wy ûnder ús stipers in protte keatsende leden, mar ek de net-keatsende stipers binne op dizze dei tige wolkom.

Der wurdt mei de sêfte bal keatst, sadat de kwaliteitsferskillen tichter by elkoar brocht wurde. Sa'n bal stuitert ferskriklik en dus krijt elts de kâns dizze yn it tuskenspul wer werom te slaan. it soarget altyd foar healwize draverij, roljeboljende



kapriolen en hinne-en-wer geslaan dêr't betiden gjin ein oan komt. Der hoecht net op technyk slein te wurden, mar it neidiel dêr fan is, dat wierskynlik alle keatsers moandei yn de rin fan de dei lêst krije fan de skouders, fuotten, rêch ensfh. Dat slaan en draven komt der fansels wol op oan!

We hiene der prachtich waar by. Sels sa waarm dat de stuollen ûnder de sinneskermen ferkeazen waarden boppe de noflike 'loungesets'. Mei tuskentroch broadsjes, sop, gebak en hapkes binne ús stipers hjoed terjochte yn it sintsje setten. Der waard fansels ek noch om de krânse keatst en nei 3 omlopen, mei ferskillende maten, wie dit de útslach:

A-maten:

1e priis:	Dirk-Yde Sjaarda	21 foar - 11 tsjin
2e priis:	Danny Roos	18 foar - 9 tsjin
3e priis:	Hendrik Kuiper	18 foar - 13 tsjin

Treastpriis: Christian Hoekstra 7 foar - 18 tsjin

B-maten:

1e priis:	Tom Couperus	21 foar - 8 tsjin
2e priis:	Wietse Ligthart	21 foar - 10 tsjin
3e Priis:	Boudewijn Kramer	18 foar - 11 tsjin

Treastpriis: Vera de Vries 8 foar - 18 tsjin

Hjirby wolle wy alle stipers nochris betankje foar harren bydrage en graach oant it oare jier!

JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE

30-06-2018: Jong Fammen Partij – Mantgum

Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra ha foar Easterein mei dien. Spitigernôch ferlearen se de earste omloop tsjin Ried mei 5-1:6-6.

01-08-2018: Manlju's PC – Frjentsjer

Jelte Pieter en Bauke Dijkstra keatse tegearre yn ien partoer. Se ferlieze de earste omloop tsjin de winners fan foarrich jier. Jan Schurer keatst dit jier mei Marten Bergsma en Pieter Jan Plat, se wurde neamd as 'outsiders'. Spitigernôch docht dit harren namme net eare oan, de earste omloop winne se krap oan en by de twadde wedstriid moatte se belies jaan tsjin de lettere winners. Allard Hoekstra, Peter en Thomas van Zuiden, fan herte lokwinske.

04-08-2018: Ald-Meiers – Hitsum

Easterein keatst mei Alien Dijkstra, Nynke Paauw en Corrie Kroondijk. Se ha partoer 1 en dogge it poer bêst. Der wurdt by alle earsten fia de app troch jûn hoe't se it dogge. Fanút it bûtelân wei, kinne wy it dan moai folgje. De earste omloop

liket dan ek in makje. De einstân is 5-1. De twadde omloop moatte se tsjin Folsgeare. Ek dit giet as it slytjaget 0-5. Dat betsjut in pryske. Yn 'e heale finale tsjin Makkum komme de froulju mei 1-0 foar, mar dêr bliuwt it ek by. De froulju ha in prachtige 3e priis behelle. Lokwinske! Ek lokwinskje wy Makkum mei it beheljen fan de oerwinning.



08-08-2018: Freule – Wommels

Easterein docht foar it earst sûnt jierren net mei.

22-08-2018: Froulju's PC – Weidum

Yn Weidum stiene Tineke Dijkstra, Martine Tiemersma, Sietske Okkema en de debutanten Jeska Terpstra en Roelie Kroondijk op de list fan de 42ste Froulju's PC. Spitigernôch gjin sportyf súkses, al hellen Tineke en Sietske mei harren partoer wol de 2e omloop. Foar Martine wie dit har lêste PC, sy hâldt nei dit keatsseizoen op mei keatsen.

NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

19-05-2018: NK Junioaren manlju – Frjentsjer

Doede Rients, Rémon Tie en Bote mochten yn de earste omloop oantrede tsjin Sjirk de Wal út Dronryp. Se ferlearen spitigernôch mei 5-1.

21-05-2018: NK Manlju – Frjentsjer

Op de tradisjonele bûnspartij mochten Dirk-Yde, Bauke en Jan de kleuren fan KF Easterein ferdigenje. Yn de earste omloop moasten se it opnimme tsjin Reduzum. Dizze wedstriid waard oertsjûgjend wûn mei 5-0. Yn de twadde omloop wie it partoer fan Moarre-Ljussens de tsjinstanner. De mannen krigen in stik mear tsjinstân en koene it spitigernôch (nei in 5-3 foarsprong) net rêde, se ferlearen mei 5-5:6-4. Dêrmei kaam der yn de tredde omloop gjin 'Greidhoeke-clash' tusken Easterein en Wommels.

16-06-2018: NK Jonges – Berltsum

Easterein hat net mei dien.

16-06-2018: NK Famkes – Boalsert

Easterein hat net mei dien.

23-06-2018: NK Froulju – Eksmoarre

Yn Eksmoarre keatse hjoed de froulju. Foar Easterein dogge Sietske Okkema, Jeska Terpstra en imke v/d Leest mei. Se keatse de 1e omloop tsjin Grou en ferlieze dit spitigernôch mei 5-4.

23-06-2018: NK Skoaljonges – Wommels

By ús buorlju yn Wommels komme de skoaljonges yn aksje. Siebo Boersma, Arjen Stremmer en Redmer Wiersma koene dus op it fytske. Sy winne de 1e omloop fan Baard mei 5-2. De 2e omloop moatte se tsjin Moarre-Ljussens en dy binne te sterk foar harren, se ferlieze mei 5-0.

23-06-2018: NK Skoalfamkes – Hallum

Easterein hat net mei dien.

30-06-2018: NK Pupillen famkes – Ried

Liset Sijbesma, Fianne Dijkstra en Brecht Stegenga kamen út foar Easterein op de bûnspartij. Yn de earste omloop waard mei dikke sifers wûn fan it partoer fan Berltsum (5-0). Yn de twadde omloop wie it partoer fan ie efkes in maatsje te grut (5-0), mar se ha tige goed harren bêst dien. Nei de tiid binne

se noch efkes mei harren coach by de McDonald's west en noch by it earste klasse keatsen yn Winaam (gjin Eastereiner súkses). in moaie dei fuort dus!

30-06-2018: NK Pupillen jonges – Dronryp

Easterein hat net mei dien.

07-07-2018: NK Manlju 50+ – Frjentsjer

Ús 50+ hat ûnderwilens in aardige seleksje. Ek dit jier wie de kar wer lestich. Tjeerd Dijkstra, Roel Sijbesma en Simon Kingma mochten hjoed foar Easterein mei dwaan. De earste omloop wie in 'makje'. Nei in steand nûmer gongen sy automatysk troch nei de twadde omloop. No moasten sy tsjin Bitgum. Nei in 2-0, 3-1,4-1 en 5-1 foarsprong, waard it dochs noch spannend. By de stân 5-4:6-4 foel de lêste slach yn it foardiel fan Easterein. Sa mochten sy it yn 'e tredde omloop opnimme tsjin it sterke Frjentsjer. Elk earst kaam Easterein efter. Lykwols joegen sy de striid net op en kamen elke kear wer oant in gelyk spul. Spitigernôch foel op 5-4:6-6 de lêste slach yn it foardiel fan Frjentsjer. in moaie prestaasje fan ús mannen. Frjentsjer wûn letter dizze dei de earste priis.

KNKB Klasseminten

Nr	Keatser	Punten
28	Welpen famkes	
28	Brecht Stegenga	0
43	Pupillen famkes	
48	Skoalfamkes	
62	Famkes	
1	Corrie Kroondijk	30
5	Roelie Kroondijk	24
8	Selma de Boer	19
39	Nynke Paauw	4
52	Alien Dijkstra	1
62	Judith vd Weerd	0
74	Froulju 1e klasse	
4	Sietske Okkema	14
12	Jeska Terpstra	11
22	imke van der Leest	7
28	Martine Tiemersma	6
34	Baukje Terpstra	5
37	Roelie Kroondijk	4
54	Corrie Kroondijk	3
71	Janieke Dijkstra	1
44	Froulju Haadklasse	
11	Tineke Dijkstra	18
21	Sietske Okkema	4
24	Jeska Terpstra	3
27	Martine Tiemersma	3
Nr	Top trije measte punten Froulju	
1	Corrie Kroondijk	33
2	Roelie Kroondijk	28
3	Selma de Boer	19

Nr	Keatser	Punten
37	Welpen jonges	
60	Pupillen jonges	
59	Skoaljonges	
38	Redmer Wiersma	3
46	Jelmer Stremmer	2
34	Junioaren	
27	Doede Rients Okkema	1
28	Rémon Tie Bouma	1
29	Bote Jellema	1
38	Manlju 30+	
120	Manlju 50+	
16	Sipke Hiemstra	12
29	Roel Sijbesma	8
56	Ype Tiemersma	5
71	Tjeerd Dijkstra	4
109	Jan Vellinga	1
56	Manlju 2e klasse	
83	Manlju 1e klasse	
13	Jelte- Pieter Dijkstra	10
14	Bauke Dijkstra	10
28	Hendrik Bouwhuis	8
56	Manlju Haadklasse	
15	Jan Schurer	12
42	Hendrik Bouwhuis	2
46	Bauke Dijkstra	1
50	Doede Rients Okkema	1
Nr	Top trije measte punten Manlju	
1	Jan Schurer	12
	Sipke Hiemstra	12
2	Bauke Dijkstra	11
3	Jelte-Pieter Dijkstra	10
	Hendrik Bouwhuis	10

Keatsmominten út 2018

Jannewaris

- 7 Wallball yn België in 1e priis yn de kategory ûnder de 15 en in 3e priis yn de kategory ûnder de 17 Corrie Kroondijk
21 NK Wallball yn Frjentsjer 1e priis yn de kategory ûnder de 17 Corrie Kroondijk

Febrewaris

- 11 Thijs Houtsma partij manlju 50+ yn St. Anne 1e priis Ype Tiemersma

Maart

- 15 Tjeerd Dijkstra beneamd ta earelid fan de KNKB



April

- 29 De Bangmapartij yn Weidum manlju ôfdieling 3e priis Jan Schurer, Bauke Dijkstra en Doede Rients Okkema

Maaie

- 13 Manlju haadklasse f.f. yn St. Anne 1e priis Jan Schurer
13 Famkes ôfdieling yn Seisbierrum 1e priis Selma de Boer, Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk
25 Federaasje jeugd t.i.l. yn Reahûs 1e priis Brecht Stegenga
27 Manlju 50+ yn Skingen-Slappeterp 1e priis Sipke Hiemstra
27 Famkes ôfdieling yn Deinum 1e priis Selma de Boer, Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk
27 België-Nederlân yn Dronryp, Dirk-Yde hie in ynternasjonale keatswedstriid mei Belgen út Sirault, Dirk-Yde keatste mei yn it Fryske spul en wûn de krânse mei Alle-Jan Anema en Renaud út België



Juny

- 7 Manlju 50+ leanekeatsen yn Harns 3e priis Sipke Hiemstra
9 Froulju 1e klasse f.f. yn Skearnegoutum 1e priis imke v/d Leest en Sietske Okkema
9 Manlju haadklasse f.f. yn Damwâld 1e priis Jan Schurer
10 Famkes ôfdieling yn Menaam 3e priis Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Selma de Boer
10 Federaasje Okkema partij yn Easterein B klasse 1e priis René Velzen, Robert Hoekstra en Watze Zeinstra
15 Skoalkeatsen yn Winsum 1e priis Liset Sijbesma, Marije Zijlstra en Judith v/d Weerd
16 Federaasje ôfdieling yn Goaiïngea 1e priis Roel Sijbesma, Peter Sijbesma en Robert Sijbesma



July

- 1 Battle Wommels-Easterein yn Easterein, Easterein wint fan Wommels mei 117 tsjin 72
4 Takomstpartij famkes t.i.l. yn Easterbierrum 1e priis Selma de Boer
6 Froulju haadklasse f.f. yn Boalsert 1e priis Jeska Terpstra
13 Federaasje jeugd yn de Hommerts 1e priis Liset Sijbesma
15 Manlju 50+ A Klasse yn Hurdegaryp 1e priis Roel Sijbesma
21 Froulju 1e klasse yn Ferwert 1e priis Martine Tiemersma
22 Manlju 1e klasse yn Wommels 1e priis Bauke Dijkstra, Jelte Pieter Dijkstra en Evert Pieter Tolsma
25 Jong-Feintepartij yn Easterein 3e priis Doede Rients Okkema, Rémon Bouma en Bote Jellega
29 Famkes ôfdieling yn St. Anne 1e priis Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Selma de Boer
31 Strjittekeatsen yn Frjentsjer 1e priis Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Sietske Okkema

Augustus

- 4 Ald-Meiers yn Hitsum 3e priis Nynke Paauw, Alien Dijkstra en Corrie Kroondijk

Novimber

- 3-4 'Wallball protour' toernoai yn België froulju yn de kategory single B klasse 1e priis Corrie Kroondijk en yn de kategory froulju dûbel B klasse 1e priis Corrie Kroondijk en Roelie Kroondijk

Desimber

- 16 Junior open Wallball yn Frjentsjer, Corrie Kroondijk wint yn de kategory single < 17 jier in 3e priis, yn de kategory dûbel < 17 jier in 1e priis, yn de kategory single < 19 jier in 1e priis en yn de kategory dûbel < 19 jier ek in 1e priis



Foto Henk Bootsma



Foto Henk Bootsma

